


Wjerklank

Jiergong 2 / Nûmer 4 / Oktober 2008



Ynhâld:

- 2 Fan 'e bestjoerstafel
- 2 In memoriam Eeltsje de Vries
- 3 Emily Dickinson yn it Frysk
- 4 Van prunusboom tot zwanenvlucht
- 7 In skildere portret
- 8 Eat oer Emily Dickinson
- 10 Wa wie Friedrich Paulsen?
- 11 De gouden bernetiid
- 17 'Koarnwert en omkriten'
- 18 Mar myn ferlangst is mear...

**Tydskrift fan it
Obe Postma
Selskip**

Fan'e bestjoerstafel

Jan Gulmans, skriuwer Obe Postma Selskip

Dit is alwer it fjirde nûmer fan Wjerklank! It bestjoer hie en hat foar dit jier in bulte plannen. Ien fan die plannen wie it jierlikse reisje. Yn maaie wie der wer in ekskurzje organisearre en wol nei 'Koarnwert en omkriten'. De tocht waard makke op sneon 24 maaie 2008. In ferslach treffe jo oan op it webstee [obepostma.nl] en ek yn dit nûmer fan Wjerklank.

Wat dit jier ek op it programma stiet, is in stúdzjedei oer de dichteresse Emily Dickinson. It Obe Postma Selskip organisearret dy dei op freed 21 novimber 2008 yn de lokaasje fan Tresoar. De opset fan it symposium lit in ferskaat oan tema's en sprekkers sjen. Sa sil Maria A. G. de Vooght in lêzing hâlde oer de resepsje fan it dichtwurk fan Emily Dickinson en sil Peter Verstegen, de belangrykste fertaler fan it dichtwurk fan Dickinson yn it Nederlânsk, te set oer it tema 'manlju' yn de gedichten fan Emily Dickinson. De (âld-Dokkumer) Harry Bekkering sil yngean op Simon Vestdijk syn opfettings oer de poëtika fan Dickinson, Odile Heynders sil sprekke oer Dickinson en de mystyk, wylst Elly de Waard yn detail yngean sil op ferskate fertalingen fan dy har gedichten. Albertina Soepboer sil sprekke oer Obe Postma syn fertalingen.

Lykas te lezen is op it ynlisfel fan dit nûmer wurdt op snein twa novimber it earste eksimplaar fan it boekje Omt ik foar Dea net stilstean koe oanbean oan dhr. Theunis Piersma, boargemaster fan Wûnseradiel en bestjoerslid fan de Obe Postma Stichting. Takom jier stiet yn it teken fan Postma as histoarikus fan it kultuerlânskip. Der komt in boek út mei artikelen fan Postma op dat mêd en foar de stúdzjedei is it lânskip as tema keazen. Yn it reisje – maaie/juni 2009—wurdt útsoarte ek wer oandacht bestege oan it Frysk lânskip.

In memoriam Eeltsje de Vries

Op 9 septimber 2008 is ferstoarn dr. Eeltsje de Vries, sûnt de oprjochting yn 2006 webmaster fan it Obe Postma Selskip. Hy hat it webstee fan it Selskip makke en dêrnei byholden oant er yn juny 2008 sa slim siik waard, dat er net mear koe. It Selskip is him tige tankber foar syn belangeleas wurk.

Eeltsje de Vries (Nij Altoenae 25-6-1938 – Hurdegaryp 9-9-2008) studearre teoretyske natuerkunde yn Grins (1959-1966). Neist syn stúdzje folge er kolleezjes Russysk, Deens en Frysk. Ek wie er in aktyf lid fan it Frysk studentenselskip Bernlef. Hy promovearre op 9 juny 1972 by prof. H.J. Groenewold op Some applications of the representation theory of finite groups: Racah algebraic methods. Yn it akademysk jier 1972-1973 die er ûndersyk oan de Duke University (Durham, N.C.) yn de Feriene Steaten. Fan 1973 oant syn ierpensioen yn 1999 wie er learaar wis- en natuuekunde oan in middelbere skoalle yn Ljouwert, de Piter Jelles ôfd. Nijlân. Ek wie er dosint kompjûterwittenskip oan de Noardlike Hegeskoalle Ljouwert. Yn 2007 ûntwikkele er foar it Frysk mei de ûntwerper, prof. Kevin Scannel fan Saint Louis University, dy syn digitaal staveringskontrôlesysteem foar 'open office'.

Hij wie (yn 1967) trouw mei Fenna Garst. Se krigen twa bern, Cor (1970) en Margreet (1974). Tenearsten wennen se yn Winsum (Gr.), sûnt 1974 yn Hurdegaryp. Wy hâlde him yn tankber oantinken.



Emily Dickinson yn it Frysk

Ta gelegenheid fan it feit dat dit jier Emily Dickinson it ûnderwerp fan ús stúdzjedei is, wurdt der in boekje mei oersettingen fan har gedicht 'Because I could not stop for Death' útjûn. Fansels stiet Postma sines deryn, ek dy fan Klaas van der Hoek, dy't ek al wat âlder is, mar haad- saak binne de nije oersettingen dy't Willem Abma, Atze Bosch, Klaas Bruinsma, Anne Feddema, Eeltsje Hettinga, Eric Hoekstra, Geart fan der Mear, Albertina Soepboer, Jabik Veenbaas, Abe de Vries en Har- men Wind op ús fersyk meitsje woene. As tajefte is de frije fertaling yn

it Nederlânsk opnommen, dy't Hylkje de Jong makke hat. It is sa in unike samling fertalingen wurden fan ien selde ge- dicht, dy't in prachtich ynsjoch jout yn de ferskillen tusken de dichters. Philippus Breuker hat in neiwurd skreaun.

It boekje komt net yn 'e hannel, mar sil by de presintaasje op 2 novimber yn de tsjerke fan Koarnwert foar elkenien te keap wêze. Oars is it allinnich foar leden bestimd. Leden kinne ien eksimplaar keapje en as se mear hawwe wolle, mear krije as dy der binne. It boekje sjocht der moai út. De priis is 8 euro. It programma fan de oanbieding sjocht der sa út.

13.40 oere: Ynrin

14.00 oere: Iepening troch de foarsitter, Siebren van der Zwaag

14.05 oere: Oanbieding troch de foarsitter fan Omt ik foar Dea net stilstean koe oan drs. Theunis Piersma, boargemaster fan Wûnseradiel.

14.10 oere: Frans Leenders, Beelden uit Amherst

14.20 oere: Foardracht fan oersetting en taljochting derop troch Willem Abma, Atze Bosch, Klaas Bruinsma en Eric Hoekstra

14.50 oere: Skoft mei gelegenheid om it boekje te keapjen

15.20 oere: Foardracht fan oersetting en taljochting derop troch Geart van der Meer, Albertina Soep- boer, Abe de Vries en Hylkje de Jong.

15.50 oere: Jan Gulmans, 'Nietzsches dochter': oer de mystyk fan de dea yn de gedichten fan Emily Dickinson

16.10 oere: Sluten troch de foarsitter

16.15 oere: Hapke en drankje



Van prunusboom tot zwanenvlucht - de natuur als inspiratiebron bij Ida Gerhardt en Obe Postma

Anneke Reitsma

Bazuinen stoten in de ochtendlucht.
Wat wedervaart ons? Deze zwanenvlucht,
die hoos van glans en donker bij hun dalen ...
Stuivende wateren ruisen van gerucht.
*Ida Gerhardt, Kwatrijnen in opdracht (1948)*¹



Natuurlijk beschouw ik het als een eervolle geste van het Obe Postma Selskip om mij het eerste exemplaar uit te reiken van het boek dat - overeenkomstig het eerder georganiseerde symposium - als titel heeft: *De dichters en de filosofen - Wijsgerige aspecten van de poëzie in Nederland rond 1900*. Maar toen de secretaris van het genootschap mij hierover benaderde, kreeg ik wel een beetje een ongemakkelijk gevoel. De heer Gulmans noemde mij in zijn introductie namelijk "een geleerde vrouw" en dan moet je op gaan passen. Kennelijk beschouwde hij die kwalificatie toch wel als een voorwaarde voor iemand die een boek in ontvangst zou nemen, waarin filosofische grootheden als Plato, Epicurus, Spinoza, Nietzsche, Kant en Hegel de revue passeren. En dat allemaal om dwarsverbanden bloot te leggen tussen het werk van Obe Postma enerzijds en de poëzie van Albert Verwey, Dèr Mouw, Leopold, Henriëtte Roland Holst en Boutens anderzijds.

Misschien is enige relativering (waarbij zelfspot is inbegrepen) wel op zijn plaats. Ik herinner mij namelijk nog heel goed dat Gerard Reve ooit een nogal vilein boekje publiceerde, onder de titel *Zeer geleerde vrouwe*, waarin hij een aantal brieven gebundeld had die hij aan Ida Gerhardt had geschreven². Deze ietwat overdreven titulaire aanhef was uiteraard onderdeel van Reves ironische strategie. Zo beschouwde hij de P.C. Hooftprijs (die Gerhardt in 1979 was toegekend) als een schadepost, "want het publiek denkt, zelden ten onrechte: 'Dat is onleesbare intellektuelenschrijverij.'" Het is opmerkelijk dat we ook bij Obe Postma - zij het in veel mildere vorm - een zekere ironische distantie tegenkomen, vooral als het hoge weten-

schappelijke of wijsgerige aspiraties betreft³. Zo zegt de dichter, die op dat moment al een heel leven als gepromoveerd en gerespecteerd wis- en natuurkundige achter de rug heeft, in een terugblik: "*Nu moest ik toch - ik ben zo oud - / Het wezen van de dingen kunnen openbaren; / (...) Maar o wat ik voel is niets dan de gebarsten schors / En het zachte mos van de stammen; / Wat ik ruik is niets dan de rauwe geur van het gras; / Wat ik zie is het stalvenstertje / Door het eerste groen van de vlierboom; / (...) En de zachte rimpeling van het water*".⁴ Persoonlijk vind ik die relativering weldadig: eruditie zet nu eenmaal geen prunusboom in bloei, zomin als het een zwanenvlucht bewerkstelligen kan. Het dichtelijke oog - en dat wisten Postma en Gerhardt heel goed - is veel meer gebaat bij het oervermogen uit onze kindertijd: de verwondering. Of, zoals Gerhardt het in een vroeg gedicht verwoordde: "*Is dichten slechts aandachtigheid?*" ("Na de dag").

Dat de naam van Ida Gerhardt (1905-1997) in het hierboven genoemde rijtje van verwante dichters ontbreekt, is niet zo vreemd, omdat men als uitgangspunt het jaar 1900 gekozen heeft. Het is een significant jaartal, niet alleen omdat het de markering is van "het breukvlak van twee eeuwen", maar ook omdat Obe Postma in dat jaar - op zijn 32ste - het besluit nam om dichter te worden. Een laatbloeier dus, net als Ida Gerhardt, die pas in 1940 debuteerde met de bundel *Kosmos*. Toch is het besef van haar eigen dichterschap veel eerder te traceren, misschien zelfs wel nog voordat zij lezen en schrijven kon, maar al wel was toegerust met een "waakse zintuiglijkheid". Natuurlijk heeft die dichtelijke aanleg naderhand een geweldige

impuls gekregen door Gerhardts omgang met J.H. Leopold, die op het Erasmiaans gymnasium in Rotterdam haar leraar klassieke talen was. Hij heeft haar dichterlijk talent herkend en haar ingewijd in "een wereld waar de groten, / de tijdelozen voortbestaan." "Onvervreemdbaar"⁵. Maar de primaire aandrift lag elders en eerder: in het rivierenlandschap rond Gorcum, waar zij de eerste vijf jaar van haar leven doorbracht. "*Vijf jaren is oud genoeg*", zegt Gerhardt.

Touwladder

Nu wil het toeval - "*àls er toeval is*", zou Gerhardt zeggen - dat de poëzie van Obe Postma mij moeiteloos terugvoert naar mijn eigen kindertijd, want tussen mijn vijfde en zevende jaar woonde ik in Siegerswoude, waar mijn vader 'bovenmeester' geworden was. Dit kleine dorpje in de Friese wouden had - naast allerlei andere charmes - één gigantisch groot voordeel: er was geen kleuterschool. Daardoor staat dat hele vijfde levensjaar in mijn herinnering gegrift als één grote, lange, uitgestrekte vakantie, waarin het wel altijd zomer of voorjaar leek te zijn. Onbekommerd en zonder enige notie van Plato of Lucretius dwaalde ik door de velden, die je nog met de seizoenen mee zag kleuren: wit van de madelieven, geel van de paardebloemen, lila van de pinksterbloemen en als het hoog zomer was roodbruin van

de zuring. En dan de geuren die vrijkwamen als het oogsttijd was of – dat ook natuurlijk – als de mest werd uitgereden.

Maar het meest indrukwekkend vond ik misschien nog wel dat ongelooflijk rijk geschakeerde universum aan geluiden: van trappelende paardenhoeven, melkbussen die aan de straat werden gezet, de roep van grutto's of kievit, de zeis die over het gras ging, kwakende kikkers of het geloei van bronstige koeien. Het was voor mij allemaal niets minder dan een epifanie, ook al kende ik dat woord toen nog niet. De woorden van Psalm 19: "De hemelen vertellen Gods eer, / en het uitspansel verkondigt het werk van Zijn handen" – ik zag het allemaal dagelijks om mij heen. Ik voelde mij, zoals Postma het ergens van zichzelf zegt, "als een diertje in Gods rijk".⁶ En het wonderlijke was dat al die geluiden en indrukken zich rond het middaguur voegden in een landelijke stilte, waarin je – zoals Mak zo mooi beschreven heeft in *Hoe God verdween uit Jorwerd* – in het naburige dorp een emmer kon horen omvallen (van e-mail natuurlijk, niet van plastic).

Voor Obe Postma is heel dit landelijke universum – maar dan ontleend aan zijn biotoop in de greidhoek rond Cornwerd – een onuitputtelijke schatkamer geweest. Het zal wel evenmin toeval zijn dat ik nu in die streek woonachtig ben: mijn boodschappen doe ik in Makum en vanuit mijn werkkamer in Idsegahuizum kijk ik uit op Piaam – plaatsjes die door Postma met grote vanzelfsprekendheid worden opgenomen in zijn poëtisch panorama. Het bruggetje over de vaart bij Cornwerd deed voor hem niet onder voor de Ponte Vecchio in Florence. Of, zoals hij het formuleerde in zijn 'Harnse reis': "Goethe maakte een reis naar Italië en Rilke naar Rusland, / En als een ander mens kwamen zij terug. / Ik ben op mijn oude dag naar Harlingen geweest; / Een ander mens kon ik niet worden, maar ik heb hoog op de bolwerktuin gestaan."

Deze eigenschap om plaatsnamen te integreren in de poëzie deelt Postma overigens met Ida Gerhardt, die eveneens een weids pantheon oproept: van Rossum tot Hurwenen, van Zalk tot Veecaten, van Kampen tot Athene, van Rotterdam tot Olbia, aan de Borysthenes: "waar ik gestaan heb, waar de adelaar / nog huist en zich op vleugelen verheft" ("Bij dag en nacht").

Steeds ziet Postma kans om zijn (jeugd)-herinneringen – uiterst concreet gestofveerd – het domein van zijn poëzie

binnen te loodsen: van koestal en bebloemde velden tot rotganzen boven het wad. Hij deed dat niet uit nostalgische overwegingen, want nostalgie is een weinig creatieve factor. Keer op keer probeert Postma een toenmalige gelukservaring – altijd aan tijd en plaats gebonden immers – te verduurzamen langs de touwladder van zijn woorden. Daarbij keren een aantal woorden steeds terug: licht, water, wind en aarde, vaak weer onderling verbonden door het begrip "droom". Het effect is dat het verleden wordt geactiveerd, het moment uitgerekt en het perspectief verdubbeld, want we treden nu natuurlijk ook een poëtische werkelijkheid binnen.

Het woord te vondeling

Dit dubbele perspectief komt prachtig tot uiting in de volgende jeugdherinnering van Ida Gerhardt, geschreven toen zij al tegen de zeventig liep. Het is het eerste van een viertal biografische gedichten, opgenomen in de bundel *Vijf vuurstenen* (1974):

BIOGRAFISCH I

*De taal slaapt in een syllabe
en zoekt moedergrond om te aarden.*

*Vijf jaren is oud genoeg.
Toen mijn vader, die ik het vroeg,*

*mij zeide: 'dat is een grondel',
- en ik zàg hem, zwart in de sloot -*

*legde hij het woord in mij te vondeling,
open en bloot.*

*Waarvoor ik moest zorgen,
met mijn leven moest borgen:*

tot aan mijn dood.

We zien het tafereel zó voor ons: vader en kind, wandelend door de uiterwaarden bij Gorcum. Maar de crux van het gedicht zit in de regel: "en ik zàg hem, zwart in de sloot", want pas nadat de vader het visje een naam heeft gegeven, gaan bij de kleine Ida de zintuigen werkelijk open. Werkelijk zien bestaat bij de gratie van naamgeving. De taal, eerst nog slapend in een syllabe, heeft bij een kind "moedergrond" gevonden. De vader is hier verwant aan de allereerste mens, die in de Hof van Eden namen gaf "aan al het vee, aan het gevogelte des hemels en aan al het gedierte des velds" (Genesis 2: 20). Noemen is een bevestiging van de schepping: "wij zijn hier / om het te noemen tot wij niet meer zijn.", schreef de Groningse dichter C.O. Jellema.⁷

¹ *De bundel is, overeenkomstig de derde gewijzigde druk, opgenomen in: Ida Gerhardt, Verzamelde gedichten. Amsterdam, 1999*

² *Gerard Reve, Zeergeleerde vrouwe. Utrecht, 1982. Het boekje verscheen in een kleine oplage en was niet in de handel. Naderhand werden de betreffende brieven opgenomen in: Gerard Reve, Schoon schip. Amsterdam, 1984, p. 304 e.v.*

Mr. Ben Hosman, voormalig uitgever van Athenaeum-Polak & Van Genneep, meldde mij dat de brieven destijds aan de uitgeverij zijn verzonden, maar - vanwege de onbetamelijke inhoud - niet zijn doorgestuurd naar Ida Gerhardt. Zij is hiervan overigens wel op de hoogte gesteld. Maar een briefwisseling, zoals Reve suggereert, heeft dus niet plaatsgevonden.

³ *Er is echter wel een belangrijk verschil. Reve's - romantische - ironie is gericht op dubbelzinnigheid, vaak met polemische bijbedoelingen. De ironische distantie bij Obe Postma is eerder socratisch van aard: de waarheidsvraag als zodanig wordt geproblematiseerd.*

⁴ *Het gaat om het gedicht "Dichters binne sjenners?" uit 1928. In: Obe Postma, Van het Friese land en het Friese leven. Fan it Fryske lân en it Fryske libben. Vertaling Jabik Veenbaas. Samenstelling, nawoord en aantekeningen Philippus Breuker. Amsterdam, 1997*

⁵ *De invloed van Leopold op Gerhardt moet hier onbesproken blijven. Belangstellenden verwijs ik graag naar mijn artikel: "Leopold en Ida Gerhardt: 'De eigen stem - het edelste vermogen'". In: Roodkoper, juli 2006. Tevens te raadplegen via [www. IdaGerhardt-Home](http://www.IdaGerhardt-Home)*

⁶ *De zinsnede is afkomstig uit het gedicht "Lichte morgen in het weiland". Volgens Philippus Breuker verwijst de betreffende regel naar "The Excursion" van Wordsworth. Vergelijk noot 3, p. 165*

⁷ *C.O. Jellema, Gedichten, oden, sonnetten. Amsterdam, 1992, p. 327. De betreffende regel is aangebracht op Jellema's grafsteen in Saaksum.*



Deze jeugdervaring is van beslissende betekenis gebleken: de natuur is voor Gerhardt de meesteres van de kunst en de wetten van de natuur houden de dichter een spiegel voor. In het (programmatische) openingsgedicht van de bundel *Kosmos* zegt zij het zo: "*Het spel van lijn en kleur en van schakering / dat leeft in de natuur, het donker en het licht / – wetten van wisseling en wederkering – , / ik vind het terug in het voltooid gedicht*".⁸ In een naderhand toegevoegde aantekening verklaart Gerhardt de titel als volgt: "Ten aanzien van *Kosmos* is het wellicht nodig te zeggen, dat deze term is gebruikt in de betekenis van: zinvol geordend en naar zijn ingeschapen aard functionerend geheel. Dat geldt dan voor de wereld als totaliteit, voor het afzonderlijke organisme, maar evenzeer voor het voldragen kunstwerk, waarin zich dezelfde wetten laten herkennen".⁹

Dit is het kernstuk van Gerhardts poëtica: de dichter heeft tot taak om de dingen om hem heen te benoemen en een zinvol verband zichtbaar te maken. In dat laatste zit het probleem. Onze taal lijkt namelijk beter toegepast om de zichtbare wereld te beschrijven – een grondel, een visotter, spinrag of een rekje met linnengoed – dan om ons binnen te voeren in een geestelijk universum. Dan gaan dichters stamelen. Je merkt het aan Obe Postma, als hij zijn toevlucht gaat nemen tot een filosofisch getint begrip als "Al-geest", dat ik een *Fremdkörper* blijf vinden binnen het poëtische domein. Dèr Mouw gebruikte hiervoor het beeld van "de ene [of eeuwige] Weaver".¹⁰ De bedoeling is natuurlijk wel duidelijk: temidden van de onmetelijke hoeveelheid verschijningsvormen in de zichtbare werkelijkheid zoekt de dichter naar een onderliggend beginsel, naar datgene wat de oude Grieken en Romeinen "het vijfde element" noemden: de *quinta essentia* (in ons

huidige idioom nog werkzaam als kwintessens).¹¹

Vanuit een soortgelijke zoektocht keert de ik-figuur in (het titelgedicht van) *Het sterreschip* (1979) nog één keer terug naar de stad van haar geboorte. "Om een laatste antwoord", staat er. Dan volgt een passage waarin heden en verleden – langs de vertrouwde contouren van het rivierenlandschap – volkomen samenvallen: "en doorvoer mij een vermoeden / – opgestoten uit de gronden / van het weten ongeweten – / van verborgen samenhangen; // van dat Ene dat moest wezen / in de stuwing van de stromen, / in het trekken van de vogels / in het in zichzelf gekeerde / oud geheimenis der woorden. / En, verscholen, in mijzelve."

Via het stuwen van de stromen en het trekken van de vogels maakt Gerhardt een verticale beweging zichtbaar, waar weliswaar een zeker metafysisch perspectief in doorschemert, maar waarin het contact met de natuur – en het verbond tussen woord en water – behouden blijft.

Dat geldt gelukkig ook voor Obe Postma, die in een beroemd geworden terugblik op zijn leven tot de volgende, eenvoudige opsomming komt:

*Alle vreugden van mijn leven zitten
in de prunusboom met een enkel
geel blad dat trilt,
In de wolken die uit het zuiden langs
het luchtruim schuiven,
In de bloemen van de hortensia waar
de zon op schijnt:
Het is de lichtglans van het water dat
in de slenk staat,
De welige geur van de mestvaalt in
het voorjaar,
De zangerige roep van de rotganzen
op het wad.*

Nu begrijpt u wellicht waarom ik vanmiddag vooral te rade heb willen gaan bij de oudste univer-siteit die er is (en waar we allemaal toegang toe hebben): de Alma Mater van de Natuur. Want daar – aldus Lucretius – "ontsteken de dingen het licht voor de dingen".¹²

*Het bovenstaande is de ietwat gestileerde versie van een door mij gehouden toespraak op 16 april 2008, bij Boekhandel Van der Velde te Leeuwarden, ter gelegenheid van de presentatie van de bundel: Philippus Breuker en Jan Gulmans (redactie), *De dichters en de filosofen - Wijsgerige aspecten van de poëzie in Nederland rond 1900*. Leeuwarden,

⁸ Het gedicht zou een aparte bespreking waard zijn, want er is ook sprake van een sterke invloed van Lucretius (99-55 v. Chr.). *Vreemd is die invloed niet: in de periode dat Kosmos ontstond, hield Gerhardt zich bezig met de vertaling van Boek I en Boek V van De Rerum Natura / De Natuur en haar Vormen (als dissertatie gepubliceerd in 1942).*

⁹ Aldus Ida Gerhardt in de verantwoording van *Vroege verzen* (1978), waarin de bundel *Kosmos* integraal werd opgenomen. De betreffende aantekening is in de editie van de *Verzamelde gedichten* geschrapt.

¹⁰ J.A. dèr Mouw, *Volledig dichtwerk. Redactie en commentaar door Prof. Dr. H. Van den Bergh, Dr. A.M. Cram-Magré en Prof. Dr. M.F. Fresco*. Amsterdam, 1986, p. 196 en 236

¹¹ In het gedicht "Studentenkamer" vertelt Gerhardt hoe zij voor het eerst de betekenis van dit woord ontdekt en welke consequenties dat heeft: "Een vreemdeling ben ik op aarde. / Dit is in haar donkere gaarde / waarvoor ik sedert besta: / het vers - een kristal, een heelal: / quinta essentia."

¹² Het is de slotregel van Boek I uit *De natuur en haar vormen*. In: Ida Gerhardt, *Verzamelde gedichten, deel III*. Amsterdam, 1999, p. 47

In skildere portret van Obe Postma troch Gerben Rypma

Sytse ten Hoeve

Sietze Rypma út Westhim hat in troch Gerben Rypma (1878-1963) skildere portret fan Obe Postma (oaljeferve op board; 30 x 23,5 sm) mei op de efterkant in skilderij mei lamkes yn `e greide skonken en yn eigendom oerdroegen oan de Obe Postma Stichting, fêstige te Ljouwert. It bedoelde stik is Sietze Rypmas syn heit Rients Rypma en syn mem Marijke Leenstra út de neilittenskip fan harren neef Gerben Rypma oanbeërd en dêrnei is it him oanbeërd. Sietze Rypma stelt as betingst by de skinking, dat it bedoelde stik fan no oan yn brûklien jûn wurdt oan Sytse ten Hoeve, no wjend Tramstrjitte 43, 8771 RR te Nijlân. Hy sil it stik restaurearje en yn in list sette litte. It brûklien duorret salang de neamde Sytse ten Hoeve dat wol en einiget yn alle gefallen by syn ferstjerren. Hy of de berêder fan syn neilittenskip sil it bedoelde stik oerdrage oan it bestjoer fan de Obe Postma Stichting. It bestjoer fan de Obe Postma Stichting sil it stik nei beëiniging fan it earste brûklien bewarje yn in eigen romte of as brûklien in bestimming jaan op in passend plak by in natuerlik persoan of by in rjochtsersoan, bygelyks Tresoar te Ljouwert, de tsjerke fan Koarnwert of in oare gaadlike ynstânsje.



Eat oer Emily Dickinson en har wurk

Jan Gulmans

'She died all her life, she probed death daily'

(Conrad Aiken, Selected Poems, The Modern Library, New York, 1948).

It Obe Postma Selskip organisearret alle jierren in stúdzjedei op in tema, dat mei it oeuvre fan de Fryske dichter en wittenskipsman Obe Postma (1868-1963) te krijen hat. Dit jier is it tema fan de stúdzjedei 'Emily Dickinson'. Foarútrinnend op de stúdzjedei lit it Obe Postma Selskip in boekje útjaan mei trettjin, meast nije, Fryske fertalingen fan it gedicht 'Because I could not stop for Death'. Parallel oan de stúdzjedei organisearret Tresoar --yn en nei oerlis mei it Obe Postma Selskip-- in lytse útstalling oer Emily Dickinson. De kar is op dy dichte-

resse fallen fanwege it feit, dat Obe Postma tusken 1940 en 1954 tolve fersen fan Dickinson publisearre hat. Wa wie Emily Dickinson? Hja libbe fan 1830-1886 yn Amherst (Massachussetts). Earst nei har dea waard se bekind. Doe fûnen de neibestenden 1775 gedichten en sa mooglik noch mear brieven. In part fan dy brieven is okkerjiers publisearre (Bert Keizer, *Welk een waagstuk is een brief, Brieven van Emily Dickinson*, Anthos, A'dam, 2006). Foar har dea slagge it Emily Dickinson amperoan om har gedichten publisearre te krijen. Mar in stikmannich fan al har fersen ferskynden en dan ek noch anonym. Gjinien waard printe lykas Dickinson it bedoeld hie. Yn 'e fiiftiger jierren skreau S. J. van der Molen in artikel yn *De Tsjerne* oer Dickinson. Hy seit dêryn ûnder mear yn it fuotspoar fan Simon Vestdijk

syn essee yn *Lier en Lancet* (1939, side 18): 'Emily Dickinson har poëzije mist alles hwat de wissichheit fan sukses jowt. Hja is net muzikael; falt net op troch rykdom fan klank, noch troch folsleinens fan de foarm. Né, as wy oer foarmfolsleinens komme te praten, bliuwt Emily Dickinson grif ûnder de mjitte. Har wurk docht net tinken oan in museum, mar oan in atelier, dêr't wy it skeppingsproces noch justjes yn meimeitsje kinne'

Dickinson eksperimentearre mei it frije fers. Mooglik leit dêr ien fan 'e boarnen fan Postma syn affiniteit mei Dickinson. Hja hie in foarkar foar in ûngebrûklike typografy. Oer de foarm, styl en ynhâld fan har gedichten skreau de al neamde Vestdijk yn 1931:

'Maar inderdaad: bij eerste kennismaking

Hjirûnder útkeazen om de plastyk en fanwege it tema fan 'e dea trije ferzys fan it ferneamde gedicht— 'If I shouldn't be alive'.

Emily Dickinson

*If I shouldn't be alive
When the robins come,
Give the one in red cravat
A memorial crumb.
If I shouldn't thank you,
Being just asleep,
You will know I'm trying
With my granite lip.*



Obe Postma


*As ik ris net mear libbe
As de reaboarstkes komme,
Jou dy mei 't read dasje
In oantinkenskrommel.

En as ik jo net betankje
Just yn 'e sljippe,
Tink dat ik it prebearje
Mei myn graniten lippe.*



Simon Vestdijk

*Als ik niet meer in leven zal zijn
En de roodborstjes komen, zul je dan
schenken
Dat ene met 't dasje van karmozijn
Een kruimel brood als aandenken?
En hoor je dan mijn dankwoord niet
Diep uit de donk're groeve,
Weet, dat ik 't toch zal beproeven
Met mijn lippen van graniet.*



It bekinde gedicht oer de klaver en de bijen wurdt troch Vestdijk en Postma as folget fertaald:

Emily Dickinson

*To make a prairie it takes a clover
and one bee,
One clover, and a bee,
And revery.
The revery alone will do,
If bees are few.*

Obe Postma

*Ta in finne nim in klaverblom
En nim ien bij, -
In klaverblom en in bij
En dreamerij:
De dreamerij allinne kin,
Binne de bijen tin.*

Simon Vestdijk

*Voor het maken van een weide
Heeft men klaver nodig en bijen,
Eén klaverplantje en één bij—
En droomerij.
Of droomerij alleen,
Wanneer er weinig bijen
op de been zijn.*

Emily Dickinson

*I envy Seas, whereon He rides –
I envy Spokes of Wheels
Of Chariots, that Him convey –
I envy Crooked Hills*

*That gaze upon His journey –
How easy All can see
What is forbidden uuterly
As Heaven – unto me!*

schijnt het, alsof Dickinson reeds al te ver die grenzen overschreden heeft, waarop nog van een harmonisch evenwicht tusken essentie en vorm, inhoud en inkleeding, intentie en verwerkelijking gesproken kan worden. Er is mij geen poëzie bekend, die zoo weinig lijkt, en zooveel is. (...) Een vers van Dickinson zou, terwijl het toch steeds onverwisselbaar tot één genre behoort, evengoed kunnen uitgroeien tot breede lyriek, epigram, allegorie, didactische poëzie, orakelspreuk, wijsgeerige verhandeling, aphoristische levensles, puriteinsche kanselrede, als tot psychologisch portret, uitgesponnen natuurbeschrijving, impressionistische schets, korte novelle, groteske, satire, of tot een psychofysiologische theorie.'

Sûnt Vestdijk dit skreau, is yn Nederlân faak en folle neitocht oer Dickinson har oeuvre en binne in hiel tal fertalingen ree kommen. In foarbyld fan it earste – yn-terpretaasje dus– is *Aan de Jabbok. Religie en rebellie in de poëzie van Emily Dickinson* fan de hân fan Gerard Rothuizen, Renée van Riessen en Anthony Runia, Kok, Kampen, sûnder jiertal. In foarbyld fan it twadde -- fertalingen fan Dickinson dus-- is *Goedemorgen--- Middernacht* fan Lucienne Stassaert. In hichtepunt is sûnder mis Peter Verstegen syn twadielige útjefte (fertalingen) fan it grutste part fan Dickinson har gedichten. Ek moat Louise van Santen neamd wurde, dy't prachtige fertalingen levere hat (bygelyks fan gedicht ED 498).

Riewert Krol lei yn in besprek fan de fertaling fan Peter Verstegen de klam derop, dat Dickinson poëzy skreaun hat, dy't hast as yn it foarbygean de meast ynkringende ûnderfiningen ferbyldet: 'De dichter steekt de lamp aan- / Waarna hij - dooft- / Hij moedigde de Pit aan- / Als het licht leeft // Aanhorig als een Zon- / Wordt Lens iedere Tijd / Die van zijn Omtrek nog / Het licht verspreidt-' (p.125). Yn in krityk op Verstegen syn oersettingen skreau Guus Mid-dag, dat Verstegens fertaling net soepel is, mar houterich. Hy lêst leaver in frije fertaling fan Willem Wilmink. Ik lit no mar yn it midden, wa't hjir gelyk hat. Miskien gjin

Louise van Santen

*Ik benijd Zeeën, waarover hij vaart –
Ik benijd Spaken van het Wiel
Van Wagens. Die Hem dragen –
Ik benijd de kromming van de Berg*

*Die uitziet op Zijn Tocht –
Hoe makkelijk Iedereen kijken kan
Naar dat volstrekt verbodene
Als Hemel is – voor mij!*

ien fan beiden. Wichtiger is, dat Emily Dickinson har poëzij – wat foarm oangiet basearre op folkspoëzij en skaaimerke troch ôfwikseling fan in trije- en fjouwerfuottige jambyske regel – ús noch altyd oansprekt. Dat sjen litte en dêrfan ferantwurding ôflizze, is ien fan de doelen, dy't it Obe Postma Selskip foar eagen hat mei de te hâlden stúdzjedei. Utsoarte giet it der it Selskip ek om de affiniteit fan de Fryske dichter mei de Amerikaanske kollega yn in breder ramt te setten.

Emily Dickinson libbe yn har heites hûs en tún yn Amherst (New England). Sij libbe it grutste part fan har libben yn dizze ôfsletten wrâld. Har romantyske visioenen en emosjonele intensiteit makken, dat sy eigenlik gjin of mar in pear freonen hie. Sij libbe in ferinkeld bestean. Har gedichten 'reveal an unusual awareness of herself and her world, a shy but determined mind', lykas ien fan har biografen skriuwt. Ider gedicht is in lytse ôfgrûn, dy't tsjûgenis ôfleit fan har libben as in non. De wize werop se mei de dea omgiet is diel fan de aard fan har genialiteit.

Har simpele taal befettet rike betsjuttingen, dy't werom geane op gewoane wurden. De byldenrykdom en de metafoaren fan har poëzije komme út har observaasjes fan de natuer en út har ferbylding; ferbylding opfette as it fermogen it ôfwêzige tsjinwurdich te stellen. Se benadere har

*Safe in their Alabaster Chambers --
Untouched my Morning --
And untouched by Noon --
Lie the meek members of the
Resurrection –
Rafter of satin -- And Roof of
Stone!*

*Light laughs the breeze
In her Castle above them --
Babbles the Bee in a stolid Ear
Pipe the Sweet Birds in ignorant
cadence --
Ah, what sagacity perished here!*

poëzij ynduktyf; dêrby wurden kombinearjend om in konklúzje te berikken dy't al troch it patroan fan de wurden suggereare waard. Emily Dickinson wie yn har ferinkele bestean obsedearre troch de dea en de idee fan ivichheid. Sij sei in kear: 'Does not Eternity appear dreadful to you... I often get thinking of it and it seems so dark to me that I almost wish there was no Eternity. To think that we must forever live and never cease to be. It seems as if death which all so dread because it launches us upon an unknown world would be a relief to so endless a state of existence'. Sij leaude der fêst yn, dat it fan it grutste belang is de krêft fan it bewustwêzen nei it libben te behâlden. De driigjende kontinginsje fan 'e dea, opfette as de úteinlike bron fan ûntsach, wie it ûnderskiidende fan it libben. Sy daget de dea ut troch ûntwyk, wanhoop, neisgjirrichheid of hoop. De dea is de lêste, ûnûntwykbere feroaring. Ut har gedichten blykt de nijsgjirrichheid oangeande dea-gean en har enthûsiasme te learen fan de erfaringen fan minsken, dy't stjerre. Se bestudearret it effekt fan it ferdwinen fan de deaden op de wrâld fan de libbenen, hoopjend gisse te kinnen wat de deaden erfare nei de dea. Sy ûndersiket de ymplikaasjes fan it ferlitten fan it libben; se siket nei de oantrekkingskrêft fan 'e dea en se is ferbjustere oer de ferbining fan leafde tiidens én nei it libben. Kwestjes oangeande de hechtingen fan de stjerrende persoan oan it libben mear as ynsichten oangeande it hjirneimels komme oan de oarder. Yn it gedicht 'Safe in their Alabaster Chambers' (216, fersy 1859) slacht de albasten keamer op it grêf fan de deade, net oandien troch de opgong of ûndergong fan 'e sinne. De skieding fan de libbenen kin net skerper tekene wurde.

*In hun Albasten Kamers geborgen –
Veilig voor ochtend
En veilig voor noon –
Slapen zachtmoedig wie straks
Wederopstaan –*

*En Dak van steen.
Licht lacht de bries
In haar Burchtzaal daarboven –
Babbelt de Bij in een onberoerd
Oor,
Pijpen de vogels – in onschoolse
toonval –
Hoeveel begraving ging hier teloor!*

[Peter Verstegen, pag. 75]

Wa wie Friedrich Paulsen?

Jan Gulmans

Obe Postma stelde, yn in petear fan him mei Douwe Annes Tamminga, de fraach, of hy Friedrich Paulsen koe. Tamminga moast it antwurd skuldich bliuwe. Postma hie Aus meinem Leben fan Paulsen (sjoch it artikel fan Geert van der Meer yn dit nûmer fan Wjerklink) lêzen en wie dêr wakker fan ûnder de yndruk.

Wa wie Friedrich Paulsen? Hy waard berne op 16 juli 1846 yn Langerhorn by Husum yn Nordfriesland. Hy stoar yn 1908 yn Berlyn (Steglitz). Hy wie in soan fan Paul Frerck Paulsen en syn frou Christine Ketelsen. Syn heit wie in gernierke. Syn ûnderwizer Sönke Brodersen seach wat yn de jonge, dage him út en dat hie as resultaat, dat Friedrich yn 1863 nei de saneamde 'secunda' fan it Christeaneum fan Altona oergean koe. Nei trije jier helle Friedrich syn 'abitur'. Yn itselde jier gyng hy nei de universiteit fan Erlangen. Nei in pear semesters keas hy der lykwols foar nei Berlyn te gean, nei de Friedrich-Wilhelms Universitât. Dy stúdzje folbrocht hy – by Von Trendelenburg — mei in dissertaasje oer de Aristotelishe etyk; yn 1875 habilitearre er mei in wurkstik oer de Kantiaanse kennistheory. Hy troude mei Emilie Ferchel. Friedrich en Emilie krigen twa dochters en twa soannen. Doe't yn 1883 Emilie hommels stoar, troude Friedrich mei Emilies suster Laura. Yn 1878 krige Paulsen in learopdracht pedagogyk; yn it jier dêrop waard dat in ekstraordinariaat. Utnoegingen fan universiteiten fan Breslau, München, Leipzig en sels Harvard om dêr professor te wurden sloech Paulsen ôf. Neidat er yn 1894 in ordinariaat foar filosofy en pedagogyk krige hie, waard er bekender en krige er in soort learlingen, bygelyks Theodor Litt, Eduard Spranger, Edmund Husser, Albert Schweitzer en Ferdinand Tönnies. Paulsen waard rangskikt ûnder it neo-idealisme; sels lei er de klam derop, dat syn woartels leine by Baruch Spinoza, John Stuart Mill en Immanuel Kant.

Yn 1893 krige Paulsen in ordinariaat foar pedagogyk. Paulsen syn Einleitung in die Philosophie krige mear as 30 printingen. Paulsen wie in man, dy't honkfêst wie. Syn hiele loopbaan bleau hy yn Berlyn. Yn it begjin waard er sterk beynfloede troch Von Trendelenburg. Syn earste akademyske sukses berikte er mei in prysfraach oer in troch von Trendelenburg opwurpen probleem oangeande de etyk fan Aristoteles. Under in oare titel promovearre er op dit wurkstik by Harns. Nei syn promoasje – op 27 maaie 1871 – sribbe er nei in 'Ha-



bilitation'. Yn febrewaris 1874 lei er dêrta in geschrift op tafel, dat in protte sympaty foar empiristyske opfettingen blike liet. De referinten Harns en Zeller – dezelde Eduard Zeller, troch waans Grundrisz der Griechischen Philosophie Postma sterk beynfloede is – stiene lykwols negatyf tsjinoer Paulsens oansluting by Hume en Miller. Dêrop ûnder naam Paulsen in jier letter in twadde poging om te habilitearjen en wol mei de stúdzje Versuch einer Entwicklungsgeschichte der Kantischen Erkenntnisstheorie. Mar ek dit wurkstik falt by Harns en Zeller net yn goede ierde. Paulsen syn geskrift bepleitet in saneamde 'zweite Phase der Kantbeschäftigung', dy't mear positivitsk rjochte is op in ûntwikkelingsrjochte gearfetting en rekonstruksje fan Kant. Kant wurdt no as in mylpeal yn de iepen skiednis fan de kennistheory behannele.

Yn 1885 publisearret Paulsen Die Geschichte des gelehrten Unterrichts. Hy jout him dêrmei yn de ûnderwiispolitike debatten fan dy tiid. It lêste haadstik fan Paulsen syn stúdzje wurdt as in grêfrede op it klassike gymnasium misferstien. Yn 1889 publisearret Paulsen syn System der Philosophie (mei dêryn opnommen in Umriss der Staats- und Gesellschaftslehre). Yn 1892 folget de Einleitung in die Philosophie. Beide publikaasjes wurde net sûnder mear positivitsk ûntfongen. Mar it greate publyk lêst Paulsen graach en folle. Yn 1893 is der sprake fan, dat er yn Leipzig beneand wurde sil of kin. Mar Paulsen wol Berlyn net graach ferlitte. Mei Peaske is Paulsen lang om let ordinarius. Yn 1905 pu-

blisearret hy Zur Ethik und Politik wylst postúm syn Pedagogik noch ferskynt. Tebek sjend kinne we sizze, dat Paulsen syn plak skaaimerke wurdt troch syn distansjearring fan Kant as erfgenamt fan Plato en as pleitbesoarger fan it kritysk idealisme en rationalisme. Hoewol Paulsen Kant syn basale plakbepaling fan leauwe en wittenskip aksintuearre, is syn oanhâldende foarbehâld foar Kant syn 'transcendentale' metoade oer – 'transcendentaal' opfet as op syk nei de mooglikheidsbetingsten – dúdlik. Sa ferdigenet hy Hume syn opfetting oangeande it kausaliteitsprobleem. Hy is tsjin in saneamd rasjonalistysk-dogmatyske tinkwize en in pleitbesoarger fan de histoarysk-genetyske tinkwize. Letter uteret Paulsen, ûnder ferwizing nei Nietzsche, syn ongenoegen oer it historisme; en sprekt er postityf oer in idealistyske metafysika, dy't by it selsbewustwêzen en wat Paulsen neamt de 'Selbstauffassung des seelischen Lebens' syn útgangspunt nimt. Paulsen sprekt oer de ûnontkomberens fan it antropomorfisme en fan in monistyske-panteistyske wrâldskôging, dêr't hy ek de natûrwittenskippen har hinne sjocht tendearjen. Sa probearret Paulsen ek de etyk ûnder de titel 'Energismus' tichteby de biology te bringen. 'Es scheint mir keinem Zweifel zu unterliegen, dass die Etik nach Seiten ihrer Methode der Naturwissenschaft näher verwandt ist als der Mathematik, am nächsten steht sie der biologischen Wissenschaft' (*System der Ethik*, Band I, p. 6). Rjocht en seden binne 'moralische Instinkte'. De moraalfilosofy hat de opjefte 'instinktive Übung zu eingesehener Zwecknotwendigkeit' te leverjen. Sij, de moraalfilosofy, stribbet nei 'Einsicht in die teleologische Notwendigkeit der Sitte, Lebens- und Rechtsformen'. Paulsen is troch Kant, Schopenhauer, Wundt en yn sterke mate troch Fechner beynfloede; yn'e geast fan de lêste – Fechner – pleite hy foar in 'idealistisch Monismus', dêr't de materiële side fan de wurklikheid as ferskyinsel fan it psychyske ynerlik wêzen dêrfan beskôge wurdt.

De gouden bernetiid

fan Obe Postma en Friedrich Paulsen

By 'Aus meinem Leben' fan Friedrich Paulsen

Geert van der Meer



SF 171

Dat is heel Fryslân! Hûs en hôf en fjild,
De hallich en de hoarne, gaast en keech!
It mean- en loegerswurk mei eigen hurde hân;
De see, it bûtelân, it fiere leech.

En heit en mem – o, dat is wol ús stam,
Oer ieuwen skaat en dochs ús folk sa nei!
O wûnder stik! Dyn heit sjochst swijsum gear,
En blierder stiet dyn mem yn ljochte dei.

Sa droech de noarder kust it âlde folk,
Him wreidet út, wat eigen om ús leit,
Ta wider ring. Us skoarret fêster krêft;
De siele waachst ta riker mooglikheid.

It boppesteande gedicht (SF 171) hie ik al lange jierren niget oan hân, doe't ik einlings in pear moanne lyn de kâns waarnaam om it hjir neamde boek fan Friedrich Paulsen (1846-1908, doedestiids ferneamd Dútsk filosoof en pedagooch fan Noardfrysk komôf) te keapjen, in oftanke eksimplaar fan de bibleteek fan de Pädagogische Hochschule te Kiel. Ik begûn deryn te lêzen, en koe doe suver net mear ophâlde, sa naam it mij yn de besnijing, nettsjinsteande de ferfelende drokke goatyske letter (letter ûntdiek ik dat de folsleine tekst ek op it internet stiet: <http://www.zeno.org/Geschichte/M/Paulsen,+Friedrich/Aus+meinem+Leben>).

Foar ús is, yn ferbân mei it fers fan Postma, it earste part oer syn libben yn it Noardfryske doarp Langenhorn (Noardfrysk De Horne) fansels it meast oansprekkend, mar ik moat sizze dat, oars as wat oaren wol sein hawwe (en blykber Postma sels ek yn in brief oan Tjitze de Boer, neffens in meidieling fan Philippus Breuker), ek de rest fan it boek tige it lêzen wurdich is, mar dan giet it fansels net mear oer de romantyk fan de 'gouden bernewille'. It seit genôch dat it úttreksel dat Postma makke fan it boek mar oan s. 61 tagiet, want dêr einiget de beskriuwing fan Paulsen syn jeugd yn Noardfryslân (sj. Tresoar Tagong 200-03, nr. 111 – kopy mij freonlik beskikber steld troch Philippus Breuker). De beskriuwing fan syn berne- en jongestiid yn Noardfryslân kaam mij as bysûnder eigen foar: nettsjinsteande it tiidsferskil fan sa'n hûndert jier (ik bin yn de jierren fyftich yn Toppenhuzen opgroeid), is der in hiel

soad dat sa op myn eigen jongestiid slaan kinne soe, de tiid fan foar televyzje en kompjûter en allegear boartersguod út de winkel. Wij fermakken ússels mei faak eigenoanret boartersguod, lykas Paulsen ek beskriuwt. Soks sil ek Postma fansels noch sterker field hawwe. Mar dat de oerienkomst tusken it libben yn ús Fryslân en Noardfryslân ta te skriuwen wêze soe oan it mienskiplike Fryske karakter fan ús en de Noardfriezen – al sa'n tûzen jier faninoar skaat – dat romantyske idee wol der bij mij net yn. Ik hâld it der mear op dat (yn it gefal fan Postma en mijsels) de oerienkomsten it gefolch binne fan likense omstannichheden: yn beide gefallen is der sprake fan in lytse, oersichtlike, en ienfâldige agraryske plattelânsmienskip fan boeren en hantwurkslju, yn in likense fysike omjouwing. In ferklearring dy't dêr noch oerhinne giet, ûnderstelt op syn minst de oerdracht, sa'n tûzen jier lang oer de generaasjes hinne, fan in sosjale en kulturele organisaasje dy't meinommen is, doe't de Noardfriezen om it jier 1000 hinne út wierskynlik East-Fryslân nei Noard-Fryslân teagen. Mar soks is net stridich mei de simpele oanname fan in ferklearring op grûn fan likense omstannichheden. Elke ferklearring dy't dêrboppe útgiet, nimt in soarte fan mystike yn DNA fêstleine Fryskens fan karakter oan, wat mij wol wat te fier giet. Fierders fermoedzje ik, dat Postma wat fan syn eigen âlders weromkennen hat yn de prachtige en djipynfielende beskriuwing fan de heit en mem fan Paulsen, alteast dêr wiist de twadde strofe wol wat op, mei de karakteristike rigels

*Dyn heit sjochst swijsum gear,
En blierder stiet dyn mem yn ljochte dei.*

In mannich jierren letter, op s. 404 SF, komt Postma hjir noch in kear op werom, dat it liket derop dat Postma yndie djip troffen is troch wat Paulsen skriuwt oer syn âlden. Fan Philippus Breuker krige ik noch de oantekening fan wat er fan Tsjerk Jehs. de Jong fan Skillaard (fiere famylje fan Postma) hearde oer de heit fan Postma: 'heit O.P. woe noait wat sizze dat net wier wie; ûntkaam him in kear, besleat doe allinnich noch te sizzen wat er sels sjoen hie; hie doe fansels net folle praat mear.' Ek it sitaat fan Goethe oan de ein fan de beskriuwing fan de âlders fan Paulsen moat yn dit ljocht Postma o sa troffen hawwe:

*Fan heit haw ik it uterlik,
De earnstige manier fan libjen;
Fan mem-leaf wol it fleurich aard
En ek de nocht oan fantasearjen.*

En Postma sels neamt trouwens ek yn syn úttreksel fan s. 11 opfallend de sa-neamde Schweigetage fan de heit fan Paulsen (Paulsen sels: 'und es waren ihrer nicht wenige im Jahr'). De lêste rigel fan de tredde strofe kin ik yn it ferbân fan dit fers net sa goed teplak bringe. Mar goed, it lêzen fan dat o sa sympatike en meinimmende boek wie foar mij de oanlieding om de hjir relevante stikken ris yn it Frysk oer te setten. Ik lit se hjir folgje yn de hoop dat ik de leafhawwers fan Postma dêr in deugd mei dien haw.

BESKRIUWING FAN DE HEIT EN MEM side 10 – 16

DE HEIT

Omdat de mem [de beppe fan Paulsen, GvdM]], Volig Christine, net al te enerzjyk en handich wie en har foaral yn de nije omstandichheden [bedoeld wurdt de ferhuzing fan de hallich Oland nei it fêstelân nei de stoarm fan 1825, GvdM] hielendal gjin rie wist, wie it fanselsprekkend dat heit, al wie er noch mar 20 jier, it feitlik haad fan it gesin waard: hij naam de lieding oer de húshâlding op him, oer it behear fan it famyljebesit en ek de opfieding en lieding fan de jongere bern. Sij hawwe as tank har betingstleas fertrouwen en ûnbegrinzge ôfhinklikheid skonken oan syn soargen en warberens: der wie foar har op ierde gjin heger autoriteit as broer Paul: wat hij sei, dat stie as in peal. Mem plichte wolris út de gek te sizzen: hij is troch syn susters yn de grûn bedoarn.

Tweintich jier hawwe de jongere bern bij-inoar wenne ûnder de beskerming fan heit. Yn it jier 1845 ferliet er it hûs, dêr't se har in eigen plak fûn hienen; de jongere broer like him dêr no wol ferfange te kinnen. Hij troude en stichte syn eigen hûs. Hij wie in ryp, yn alle op-sichten folwoeksen persoan, doe't er troude. Op syn fjirtichste waard ik syn earste soan. Hij stiet mij yn myn ûnhâld bij as in wat âlder, bedaard man; hij wie al betiid keal, dat hij seach der wat âlder út as er wie. Dêrbij wie er yn de krêft fan syn libben, en oant op hege jierren is er sûn en hecht bleaun. Ek geastlik wie it in bûtengewoan enerzjyk man. Hij wie in typyske Noardfries. Betochtsu-mens en foarsichtichheid wienen de grûn-trekken fan syn karakter; it wêzen dêrfan wie om mei ferdrach alles helder troch te tinken en om dan wat er ienris besletten hie mei krêft te'n útfier te bringen. Syn weardich gesicht drukte rêstige earnst út, de heldere blauwe opljochtsjende eagen joegen dêr wat freonlike myldens oan: ik sjoch him noch foar mij, sa't er mij, as ik letter op besite yn myn âlders-hûs weromkaam, mei de útstutsen rjoch-terhân temjitte kaam. It wie gjin prater.

Ek as er net syn swijsume dei hie, en dat wienen der elk jier hiel wat, dan wie er net botte praatsk. Syn praat joech eins noait wat bleat oer syn persoan of gefoel. Hij prate net graach oer wat him ynderlik beweegde; it objektive, dêr praten jo oer, en dat oare is jo eigen saak. Dit is ek in trek dy't wat bij it Fryske aard heart: dat mijt intimiteit en dat net allinne mei fierder fan jo ôfsteanden, mar ek mei jo neisten; in sekere reser-veardens, dy't as koelens oer komme kin, foarmet ien kant fan de Fryske natuer.

Djippere gefoelens binne seker net ôf-wêzich, mar dy komme net graach oan it oerflak.

Ek heit hie dy wol, mar hij toande se hast noait; it heucht mij net dat er oait wat tearhertichs tsjin mij sein hat of mij oanhelle hat, of it moast al wêze dat er mij as bern ienkear de hân oer de holle striek. Likemin leinen him soargen of kommer foar op de tonge of koe men dy him fan it antlit ôflêze, ek as dy him djip yn it moed taasten. Hij sleat de dingen op yn syn djipste ynderlik en ferarbeide se stilwei yn himsels. Sa liet er him ek noait gean as er liik wie, al lei it wol yn syn aard om ynienen op te spatten. Frjemden sille dêr wol noait wat fan fer-nommen hawwe. Hurde of fûle wurden haw ik amper út syn mûle heard, of it moat dan dy iene kear wêze, doe't er tsjûge wie fan yn it iepenbier begien ûnrjocht. Sa wie heit. As er op snein betiid nei tsjerke of de middeis nei famylje ta de doarpsstrjitte delpandere mei syn fêste gewichtige stap, dan seach ik net sûnder wat fan grutskens nei him: in man, waans 'ja' en 'nee' de lju foar fêst oannamen.

DE MEM

Mem is yn 1818 berne [...]. Se hie in libben en fleurich aard en in ûngewoan aktive geast; se wie tige fluch fan begryp en hold har miening net foar har. Wat de skoalle yn it behindige doarpke, in dependânse mei in stazjêre, har bea, wie o sa sober. Dochs hat se it klearspile om op eigen krêft harsels in tige goede skriftlike taalbehearsking eigen te meitsjen. Oarspronklik hie se in rommere belangstelling, dy't him letter mear en mear rjochte op it godstsjinstige en de gods-tsjinstige skriften. Se hie in sterk gefoel foar keunst yn al syn uteringen; se koe, sûnder oait les hân te hawwen, net ûn-aardich tekenje; se mocht graach sjonge en dan foaral har koraalwizen, de ien-nichsten dy't se oait heard hat; se mocht ek graach sels fersen skriuwe, fansels neffens it mal fan har leafste gesangen. Sa pronte se ek har hûs op: ik wit noch goed hoe't ús wenkeamer mei platen opsierd wie, wat doedestiids in seld-sume nijichheid wie. It wienen fiif grutte houtfiken út it lijen fan Kristus, dy't se kocht en ynliste litten hie. Se hold fan har blommen – de finsters wienen dêr altyd mei opfleure. Har tûn wie it lyksa mei: se lei him sa moai oan as har mid-dels it talieten en belibbe dêr grutte freugde oan.

Wat o sa'n yndruk op mem makke hat, wie har opwekking en bekearing. Dat is

mei har bard, doe't se yn it begjin fan de tweintich wie, neidat se oant doe ta earber en fleurich yn it libben stien hie. In nije dominy, Iwersen wie syn namme, wie yn Enge beroppen. De âlde Hasberg hie in man west fan libjen en libje litten, en hie ek graach yn it kafee sitten. Op in jûn wie er fuortgongen, nei in jildstik op tafel smiten te hawwen mei de útnoeging it monter op te drinken; ûnderweis nei hûs ta is er ynelkoar siigd. Syn op-folger wie in jongkeardel mei in herts-tochtlike iver om syn nije leauwe, syn krekt wûn âld kristenleauwe, net allinne te preekjen mar ek ta libben te wekjen yn it libben en it fielen fan elk persoanlik. It wie de grutte beweging fan de nije djip-pere godstsjinstigens tsjin it âlde rasjo-nalisme oer, dêr't yn ús lân Cl. Harms yn Kiel foar it earst krêftich fan tsjûge hie: nei alle gedachten wie Iwersen as stu-dint troch syn preekjen grepen. Sa is de wjerklank fan de bewegingen yn it grutte wrâldbarren sels yn de lêste doarpkes en hutsjes te hearren.

Mem rekke yn de besnijing fan dy nije lûden. Mei de har eigen libbenens pakte se de saak oan. As dat sa is, sei se bij harsels, wat dy man preket, dan is it needsaaklik om dyn libben hiel oars yn te rjochtsjen. En mear en mear waard dat har djipste wissichheid: hij hat gelyk, it libben hat gjin doel, as it beheind bliuwt ta de ierde. Mar as lykwols it ivige libben it wiere libben is, dan is it nedich om jo dêrop te rjochtsjen en it tydlike te lyts-achtsjen om it ivige heil te winnen. Sa barde it, dat se har âlde bannen losliet en de âlde oanstriid farre liet, om hie-lendal it nije en grutte te libjen, dêr't har siele fol fan wie. En dêryn hat se har net op de doele bringe litten, hoe nuver it oaren ek foarkomme mocht. It slagge har ek, om har broers en susters oan har kant te krijen: de earnst en de ener-zjy fan it nije libben wie sa grut yn har, dat it yn dy tiid wat ûnwjersteanbers hân hawwe moat. Har sieleheil hat har trouwens har hiele libben lang o sa tin-ken west. Op al har wegen hat se mei in fynfielend gewisse presiiis witten hoe te hanneljen. [...]

Mem hat ek fan jongsôf besocht om mij har oertsjûging en har leauwe yn te printsjen en fertelde dêrom graach, hoe't se sels de wei nei de frede fûn hie; se wie dan ek folle mear as heit ree, om oer har ynderlike ûnderfiningen te pra-ten. Sa'n bytsje as hij oer syn religieus sielelibben losliet, sa graach griep sij elke gelegenheid oan om dêroer te pra-ten en sielen te winnen foar har leau-wen. Ek de kunde oan heit is ta stân



Friedrich Paulsen mei syn heit en mem (tsjinoer s. 80).

kommen troch bemiddeling fan de religieuze mienskip. Troch in 'stille in den lande', in skuonmakker yn Bredsted, sa hat muoike mij lange tiid nei de dea fan myn âlden fernijd, is him foar it earst op mem wiisd. Heite' suster Naëmi Johanna, dy't almeast yn Enge bij dominy Iwersen tsjerke, hat har doe mei elkoar yn de kunde brocht. It einbeslút wie, dat heit op in dei nei Sande reizge is en bij de âlders om de hân fan har dochter frege hat. Sels wie se doe krekt net thús. Bij it hearren fan wat der foarfallden wie, moat se earst wat snibbich antwurde hawwe, mar se hat dochs eintsjebeslút tastien dat er wer kaam, en hat him doe it ja-wurd jûn. Op 20 july 1845 wie de brulloft. Dy bân foar it libben hat foar beide in lokkigenien west. Mar sûnder problemen hat dat libben ek net hielendal west. In libbene gefoelsutering wie heit alhiel net eigen, en sa hat syn frou it grif stelle moatten sûnder de lytse bewyskes fan tearens en attinsjes, sa't dy ferwachte wurde fan twa dy't fan elkoar hâlde. Mem wie yn har âlderhûs wend oan in wat waarmer sfear as wat opbloei woe yn it nije hûs. Hoe rjochtskepen en guodlik heit yn it algemien ek wie, sa maklik koe it him oer komme dat er de oar mei in sekere ûnmeilydsumens oan kant reagje koe, as dy wat woe of krekt net woe: 'wat docht dat der no ta!' Hij beseftte net, hoefolle makliker faak in grutte beheining of gemis ferneard wurdt as in lytse ûnferskillichheid. Ik bin mij-sels dêr pas stadichoan bewust fan wurden. As bern ha ik der hielendal neat fan fernommen. Spul tusken de âlders kaam net foar. Ferskil fan miening waard net yn myn bijwêzen útfochten. Ienriedigens en achting fan wjerskanten seach ik alinne mar. Mem achte it folslein har opdracht om it bern de achting, dy't de heit

en syn wil fanselssprekkend takaam, yn te printsjen. Dat kaam trouwens ek alhiel oerien mei har eigen opfetting: se hie foar heit en syn opfettingen en deeglikheid in ûnbegrinzge respekt. Wie se in kear kringt, dan wist se foar in iepenhertich wurd op in gaadlike tiid gehoar te finen. De mienskiplikens fan har godstsjinstige libbenshâlding ferliende har wurden de rjochte foarm en útwurking. Untbriek it dy ferhâlding wat oan de ynlikens fan it persoanlike bestean foar elkoar, sa't soks troch gruttere natuerlike libbenens fan it gefoel of fynbesnaarder kultuer fan it ynderlik libben yn jûn wurdt, dochs ûntbriek it him nooit oan wier respekt fan syn kant. Hjir rêst de djippe frede op, dy't de grûntoan útmakke yn myn âlderlik hûs. Lilke wurden en tsierderij kamen net foar. En ek oer in kringing yn har binnenste liet mem de sinne, dy't se oer de dei oproppen hie, net ûndergean.

Oant safier oer myn âlders. Fan beiden haw ik myn erfdiel krigen. Miskien mei ik it weagje om mei de wurden fan Goethe elk te typearjen:

*Fan heit haw ik it uterlik,
De earnstige manier fan libjen;
Fan mem-leaf wol it fleurich aard
En ek de nocht oan fantasearjen.*

No ja, dat fantasearjen dat mei eins gjin spreken lije. Mar dochs haw ik de gruttere libbenens fan gefoel en utering be-
list fan mem. En it uterlik fan heit kin elk dy't mij kend hat, mij fan fierrens oansjen.

DE BERNETIID YN IT ALDE DOARP side 54 ETC. - 61

Ik tink mei ûnfoarstelber grutte nocht en tefredenheid werom oan de jierren yn myn âldershûs en it âlde doarp, dêr't ik sa beskerme opgroeid en foarme bin – foarme net sasear troch praten en harkjen, as wol troch direkt diel te hawwen oan de folheid fan it libben en it wurk yn dy lytse besletten mienskip. Ja, as ik sa'n boerehûs ferlykje mei de huzen yn de grutte stêd [...], dan moat ik wol de hieltyd gruttere ferearming bekleie fan de jeugd: ferearming op it gebiet fan foarming, mar ek op it gebiet fan lok en wille. Dêr fûn men de hiele wrâld yn al syn libbene werklikheid: de natuer mei al syn rykdom oan foarmen en produkten wie tagonklik en ús fertroud; ekers en fjilden, gers- en healân, heech- en leechfean, stromende beekjes en stilsteande sleatten, puollen en petten, dunen en heuvels, diken en dammen, it waad en syn slinken, eb en flood – wij wienen dermei fertroud, net fan in koart útstapke op in sneintemiddei, mar troch de alderintymste omgong dêrmei. Wij binne troch elke sleat wâde om fiskjes te fangen, wij ha swommen yn alle poaltsjes en petten, elke beek ôfdamme, op elke eker ha wij ploege, op elke finne arbeide, op elke miede ha wij ûngetide; op elk heidefjild ha wij omhipt en beien socht, of om de hagedissen strúnd en ek wolris in slange ferballe; wij ha ús simmers fan elk dún ôftommelje litten en winters binne we der mei de slide bij delrûst.

Sa ha wij oerdeis en nachts de loft skôge, moarns it dôvjen fan de stjerren en it earste read fan de sinne belibbe, jûns de ûndergeande sinne rjocht yn syn tût sjoen en om striid de earste stjerren socht en teld, it ûnwaar oankommen en de ferskroeiende wjerljocht delslaan sjoen, dat wij it hast fiele koe-nen; it reinwetter ha wij oer ús delrûzje litten en yn de gleone sinne ha wij neaken yn it sân lein. Wij ha op it hynder troch it lân jachte, sûnder sadel en leie mannich wylde rit makke, oant de berider oer de grûn trûzele of ek wolris slach oer de kop yn de sleat kneppele. Wij ha boarte mei kealtsjes en lamkes, tusken de hynders en de kij op it lân lein, wij ha om it hurdst achter skiep en oksen oandraafd, as se net de goede kant útwoenen, wij ha mei netten en strûpen achter de fisken oansitten, fûgelnêsten úthelle, de aaien socht fan ljippen en patrizen, wij ha de gersmosken en de boumantsje-wipsturtsjes mei michjes holpen om de jongen te fuorjen, oft se dat no wurdearren of net. Om koart te gean: de hiele natuer lei



It bertehûs fan Friedrich Paulsen yn Langenhorn/De Horne (tsjinoer s. 1)

net allinne yn it berik fan ús eagen mar ek ús hannen en fuotten, wij libben dêrmei as in diel fan ús sels.

En lykas de natuer, lei ek it hiele minskebestean binnen berik, tichtbij en begryplik. Alle elemintêre feardichheden hienen har plak yn de húshâlding. It bern yn de stêd sjocht allinne mar de kant-en-kleare dingen en hoe't se opiten en opbrûkt wurde – wij seagen se allegear ûntstean, fan it earste begjin ôf oant se klear wienen: de bôle en it bier, it himd en de jas, der kaam ús suver neat ûnder eagen dêr't we net mei eigen eagen fan sjoen hienen hoe't it makke waard. Want ek de dingen dy't wij yn 'e hûs nét sels makken, seagen wij ûntstean: de kleanmakker kaam bij ús thús oer de flier en knipte op de grutte útklaptafel neffens in grut papieren patroan de stof foar in pak, om dan (wie it net in wûnder?) krúslings op dyselde tafel sittend de stikken oanelkoar te naaien. Maityds en hjerstmis kaam de timmerman om te reparearjen en nije dingen te meitsjen – hij skaafde en hij sage, wylst wij dêr fansels hieltyd mei de noas boppe-op stienen en ek wol hantlangen. En wat net yn 'e hûs kaam, dat sochten wij op. Wij wienen faak bij de âlde skuonlaper te gast: jo wachten in oerke, om dan it te reparearjen fuotwurk daalk wer meinnimme te kinnen en seagen yntusken ta hoe't er mei lear en least, mei els en piktried, mei skuonmakershammerke en mes warber wie en jûns troch in glêzen bol fol wetter it ljocht fan in sute-rich oaljepsje op ien punt rjochte.

En net minder faak kamen we bij de smid: in fleurich man, dy't ús graach winters út skoalle wei ús ferhalen fertellen hearde, as wij taseagen hoe't er

it wytgleone izer mei de tange út de gleone koallen luts en der mei de smidshammer op omhufte, dat de fonken witwêrhinne spatten yn de tsjustere smidte en de famkes fan kjellens lûd bearden. Hoe abstrakt en oerflakkich en behelperich is dêrtsjinoer de foarstellingswrâld fan it stedsbern. Hij ken de natuer allinne fan papier. [...] Hij groeit op tusken allinne mar dingen dy't stom foar him bliuwe, en bij einsluten went er him deroan, om net mear te freegjen, mar om tefreden te wêzen mei it oerflak en it net-begrepen brûken.

En it is itselde ferhaal as it om de minsklike ferhâldingen giet, privee mar ek yn it iepenbier. [...] Wat wit men yn de grutte stêd fan wat in kollega beweicht? Jo sjogge elkoar elke dei, jo

(foto fan Philippus Breuker – it bertehûs sa't it der no útsjocht)



wikselje gedachten en mieningen út oer fan alles, mar fan har eigenlik libben sjogge jo meastal sa goed as neat.

Hjir folget in stik oer de direkte kennis fan bestjoer fan doarp en streek, omdat men ek de bestjoerders sels faak ken. Paulsen giet dan troch oer de doarpsmienskip.

It doarp foarme in oersichtlike libbensmienskip. Dy waard droegen troch de selsstandige boeren. Hantwurkslju wienen fan har ôfhinklik: alle needsaaklike wurk wie fertsjintwurdige – elke hantwurksman hie geregeld in oantal boeren ûnder syn klanten. De moolner, de smid, de tsjilmakker ensafuorthinne. Har opdrachten bepaalden har libbenshâlding. Dêr kaam dan as tredde groep bij de dominy, de skoalmaster, de dokter en de amtner: dy stienen wat bûten of sels boppe de mienskip, en beaën tsjinsten oan dêr't it doarp sels net yn foarsjen koe.

Folget in stik oer de sosjale lagen fan dy mienskip: grutte boeren, lytsere boeren, (losse) arbeiders etc. Der wie lykwols net in skieding tusken de klassen sa't men dy op oare plakken wol sjocht: der wie kontakt tusken alle groepen – Paulsen giet dan sa troch:

Yn tsjerke, op skoalle, yn it kafee siet men nêstinoar. Op skoalle sieten de bern fan rike boeren nêst dy fan losse arbeiders, en sels de bewenners fan it earmhûs sieten rûnom ferdield yn de klasse, op plakken dy't se fertsjinne hienen troch flyt en ferstân [...]. Bij it boartsjen wie it net oars: elk koe meidwaan neffens kundichheid. Jo waarden

nergens fan útsletten, salang't jo josels net ûnmooglik makke hienen. En dyselede gelykheid seach men ek bij de folwoeksenen. Men seach wol mear ûnderskie op grûn fan besit, mar ek hjir bleau men ien op de dûnsflier en de kegelbaan, bij it sangkoar en it ringriden: ek de boerefeint en de boerefaam koenen oan alles meidwaan. Sadwaande kamen houliken tusken boeren en arbeidersfolk geregeld foar: in iverige en betroubere feint koe frije om de hân fan in boeredochter of boerewiddo, sûnder fan te foaren wis te wêzen fan in blautsje, en it omkearde kaam noch wol faker foar, nammentlik dat boeresoanen trouden mei dochters fan hantwurkslju of tsjinstbere 'kleine luyden'. Dat demokratyske karakter fan de mienskip blik ek oeral yn seden en taal. Sa't men bij it wurk en oan tafel op foet fan gelykheid mei-inoar omgong (it wie de gewoanste saak fan 'e wrâld dat feinten en fammen bij ús oan tafel ieten), sa makke ek de taal opfallend allegearre gelyk: alle leeflydsgeuoaten seinen 'do' tsjinelkoar, wylst dêrtsjinoer de âldere generaasjes sûnder op sosjale posysje te letten oansprutsen waarden mei har (foar)namme (en de âlders fatsoenlik mei 'heit' en 'mem'), en de âldereren seinen dan wer 'do' tsjin de jongerein. Allinne it ferskil yn leeflyd, in algemien minsklik en net in sosjaal ferskil, fertsjinne respekt. De iennige útsûndering wienen de domynys, de skoalmasters en amtners, dy't fansels oansprutsen waarden mei har titel, en almeast ek ynkommelingen wienen en gjin Frysk praten. Sa bin ik, doe't ik as studint en as krekt-promovearre doctor thús kaam, troch âldere minsken – ek ús arbeider – gewoan oansprutsen mei 'do' (soms even mei wat fan in ûntskuldiging 'sa mei 'k it eins net mear sizze...'), wylst ik har sels mei har namme oanspreek. Ik hie oars gewoan myn oanberne taalgefoel geweld oandwaan moatten om it oars te dwaan. Likemin as ik tsjin heit en mem oait it wurd 'do' oer de lippen krije kinne soe (men koe allinne mar sizze: 'wol heit/mem dit of dat dwaan'), sa koe ik ek net in twa kear sa âlde man oars oansprekke as 'Hoe is 't mei Carsten?' [Carsten is in foarnamme, GvdM].

DE BERNESPULTSJES BESKREAUN side 74 – 79

Ik sil net besykje om it ûneinige ferskaat oan spultsjes te beskriuwen, dy't ús tafoelen as erfenis fan in oerâlde tradysje. Se planten har fan generaasje op generaasje as fansels fuort, elke folgjende groeide dêryn op, boarte se even en joech se dan wer oer oan de jongere generaasje. Gjinien folwoeksene bekroade him derom, gjin skoalmaster soe him dêrta ferlege hawwe om him te bemuoien mei berne- en jongespultsjes – dy groeiden wyld op as it ûnkrûd bij it stek, dêr't gjinien acht op slacht. Sa wisten wij hielendal net watfoar skat wij besieten yn dy spultsjes, en gjinien fertelde it ús. En miskien binne dat de moaiste skatten, dêr't men fan genietet sûnder har kostberheid te witten en deroer te praten.

Lykas de spultsjes wie it boartersguod ús eigen wurk. Gjinien learde ús om it te meitsjen, gjinien bekroade him derom hoe't we it makken, alles hong ôf fan eigen kinnen en wollen. Boartersguodwinkels wienen der god sij tank doe noch net, net yn Langenhorn en ek net yn Bredsted. En om in kado ferlegene omkes en muoikes wienen der ek net. Heechstens waard der mei krysttiid of op de jiermerke yn in kreamke foar in stoer in bernetropetsje kocht of in swypke of in pear houten beestjes. Mar it echte boartersguod makken we sels; de famkes makken har eigen poppen en loeken dy kleurige lapkes oan, se makken har eigen heinderballen, in koark foarme it begjin, dêr waard dan âld woljern omhinne wuolle en dan waard de stoffen bûtenkant 'flamme', wat bûnter wat moaier.

Wij jonges makken pylk-en-bôgen, fan wylgetûken en reidstâlen mei in izeren punt, dêr't we in spiker foar brûkten. Dochs haw ik ek in kear in troch buorman Rademacher makke echte flitsbôge krigen, dêr't ik mei skeat mei knikkerts of pylken mei fearren 'burden'. Fan in stikje lear mei twa eintsjes tou waard in gefaarlike slinger makke, dy't in kear in skiep in poat koste hat. Mei in bûchsum twiichje koenen jo prachtich hiel fier mar net al te tûk sjitte: jo pripten der in ierpeltsje op en slingeren dat dan fuort. Der wienen fansels ek wynbuksen* en wettergewearen – dêr brûkten we fleartûken foar dy't we úthollen. [* sille wol west hawwe wat wij 'klapbos' neamden yn Toppenhuzen: útholle tsjokke fleartûken dêr't mei in 'stamper' proppen fan kalmuswoartel mei fuortsketten waarden]. Doe't ik al de earste Latynske wurden learde, haw ik mij noch in blaaspiip makke en foarsjoen fan befearre

pylkjes. Wyn- en wettermooltsjes fûnen jo bij elk hûs en elk wetterke, dat ferfald hie of ôfdamme wurde koe en sa oan it stromen brocht waard. In lyts karke, dêr't we sa'n ferlet fan hienen foar it ferfier fan stiennen en modder, hat omke Ketel ris foar mij makke. O sa populêr wienen touters en wipwappen, de earste yn de skuorre, de oaren oanbrocht oer in ierden wâl of in hikke. Yn de hjerst waarden draken makke, wol sa grut as in minske soms, allinne it tou moast dêrfoar kocht wurde, fierders makken we alles sels - it ramt en de beklaiing, en ek de liem dêr't dy mei fêstplakt waard. We ha ek wol prebearre om sels in kaartspul te meitsjen, en oars joech ús buorman ús wol in ôftanke spul.

Wij makken sels ús dobbelstiennen en skroeyden dêr mei in gleone tried de eagen yn; ek noch in oar soarte dobbelstien, 'punker' neamd, in houten seiskantich prisma, mei op elke side in ynfike teken. Hiel grutsk op dit gebiet wie ik op in eigenmakke skaakspul: ik snijde de stikken út weake linetûken, plakke de stikken mei segellak oaninoar en kleurde se mei inket. Besite út Flensburg, dy't in pear dagen bij ús útfanhuze, hie in spul bij him en hie mij de regels leard. In hiele winter lang haw ik mei myn maat Heinrich, dy't ik dan wer it spul leard hie, hast elke jûn in potsje spile. Ik ha net earder wer spile, oant ik op de universiteit yn Berlyn kaam, en hie dêr de foldwaning om mei myn sels-oanlearde keunsten aardich goed foar de dei te kommen.

Sa learde de need ús in soad handige feardichheden, sûnder ûnderwiis yn 'nuttige handwerken'. Us wichtichste ark wie in mes, sa't men it op de jiermerk foar 10 skelling krije koe. Boppedat hie heit yn in kast wat timmerark. Hij rêde him ek graach sels, troch bijgelyks syn weinen en ploege, syn hikken en skuorreplanken sels mei reade ferve, dy't er sels mong, te bestriken.

De spultsjes wikselen mei de seizoenen. Yn de maityd begûn it balspul bûtendoar, dat ôfwiksele waard mei knikkerjen, dat troch de gruttere bern yn it grut be-dreaun waard en gauris in protte fan in kânsspul krige, want it waard dan op in protte manieren in spul om jild, dat bijtiden fûl spile waard. Men smiet mei koperen 'bankskellingen' nei in stien of streep. Wa't dan it tichtst bij it doel goaid hie, smiet earst: kop of sturt, en sa de hiele rige bijlâns, wêrbij't der nefens ús omstannichheden gâns wat jild omgong, en der ek wol spylskulden

makke waarden, dy't ek hjir yn it bysûnder it karakter hienen fan eareskulden. De simmer kaam dan mei de nocht fan it wetter – der waard yn it wetter poatsjebaaid en boud, swommen en fiske; it leafste gongen wij te boatsjefaren, in seldsum en hast altyd stikum bedreaun fermaak.

It wetterfermaak hat mij it faakst yn konflikt mei mem brocht. Dat begûn al yn de bernejierren en is nooit alhiel opholden. Nêst it hûs fan buorman Hans Peters rûn in beekje ('sill'). Hjir wienen wij simmers al as jonkjes fan fjouwer of fiif jier hast alle dagen te finen. We fongen fingerlange stikelbearskes en ek wolris in snoekje of swarte wettertuoren, dy't we dan opsleaten yn lytse ôfdamme reservoirs; we bouden wettermooltsjes, mar der waard foaral poatsjebaaid, de broek waard oan de knibbel ta of fierder opstrûpt en dan waarden de djipste plakken opsocht. Der wie gjin gefaar bij, want der stie wol nearne folle mear as in heale meter wetter. Mar dy broek! Dy wie it boaze gewisse. As we prebearren om him fluch noch even foar it nei hûs ta gean yn de sinne te droegjen, dan ferrette dy ús. En sa einige it wiete fermaak net selden thús mei de sâlte neismaak fan triennen.

Yn de hjerst wie draakjefleanen oan de oarder fan de dei. En ek de wynmooltsjes klapperen derop los. In oar spul wie it om foar de wyn mei in tûnehoeft te draven – as dy ienkear gong hie, dan fleach er oer sleatten en stekken hinne, wol in healoere lang, en de wylde meute dêr dan dwers troch it lân achteroan. Winters kaam earst snie en iis yn de beneaming: der waarden alderlei soarten bousels makke en yn snieballegefjochten ferdigene. We slydsken fan de dunen ôf, en foaral it riden hienen wij dan in protte sin oan. De sleatten bij hûs beaën de earste mooglikheid. Letter makken we oerenlange tochten oer de ûnder wetter steande greiden. Op in moaie sneintemiddei kamen der wol in pear hûndert reedriders bijinoar, en dan waard der krijoanboarte, mei allegear keunstkes fan foarút- en achterútriden.

In ûnwjersteanbere bekoaring foar de skoaljonge hie in sleat ek bij begjinnend teiwaar. As it iis oan de râne al teid wie, waard mei de bile it iis yn skossen fan in heale meter kapt. Dan wie it saak om dêr sa fluch oerhinne te rinnen, dat de achterste foet de lêste skosse ûnder wetter treau en de foarste al op de folgjende rêste, sadat men der krekt mei droege fuotten oerhinne kaam – oant fansels it needlot jin dochs yn helle, as in skosse brik of men dernêst stapte.

Dat soarge dan wer foar in húslike krisis – de lêste klappen dy't ik fan heit krigen haw, folgen op sa'n ûngelokje, en dan waard ik op bêd stoppe. Beide trouwens yn elk opsicht, pedagogysk en medysk, de doelmjittichste behandeling fan it gefal.

[...] Noch ien hertstocht, dy't mij bijtiden folslein yn de besnijging hie, moat ik hjir noch mei in wurdmannich op yngean: de hertstocht fan it fiskfangen. It oerkomt mij nei fyftich jier noch wolris, dat ik yn in dream de opwining fan de fiskjacht belibje. Wij fongen fisk mei alle mooglike middels, mei it net, mei de ielstekker, mei de strûp, mei de angel en net yn it lêste plak mei de hân. Us feint Andres Niss hat mij foar it earst meinommen om it netfiskjen te learen: it net waard dwers oer in sleat of oer in sylroede spand, leadsjes loeken it dan nei de boaiem ta, en houten dôbers holden de boppekant oan it oerflak. Dan gong men 10 of 20 meter werom en dreau de fisken it net yn troch mei de plompstok yn it wetter te polskjen, dêr't se har yn betiisden en dan mei úthelle waarden. Op in goede dei brochten we wol tsien pûn snoek mei nei hûs of noch mear, lyts en grut.

It op en delwippen fan de dôberkes, it alhiel ûnderdûken dêrfan as in gruttere fisk yn de falle lokke waard, komt it faakst yn myn dreamen werom. Fan de angel waard net folle gebrûk makke, fan de strûp namste mear: wij makken dy fan de lange hierren dy't we út in hynstesturt loeken, en hij waard dan mei in sterk tou oan in stok fêstknotte. As de snoeken yn de sleat as yn sliep yn it heldere sinneljocht stienen, dan sloepen wij deropta, lieten súntsjes de mei in leadsje ferswierre strûp sakje, skoden dy ûngemurken oer de kop en de boarstfinnen en dan bedarre de fisk mei in gisel op it lân: in o sa opwinende jacht, dy't inkeld slagge mei in grutte eachân koördinaasje. Mar ik ha gauris op dy manier yn koarte tiid in protte fongen, soms wol ien fan in pûn.

Tige needlottich foar de wetterbeweners wienen de trije droege simmers fan de jierren 1857-59. De sleatten en ek gauris de djippere wetters wienen útdroege. Yn de puozzen koe men de fisken mei de hân gripe of der mei de harke útwippe, foaral as men it wetter fertroebele – de fisken kamen dan om te sykheljen nei boppen ta en lieten har muoiteleas fange. Snoeken, mûdhûntsjes, bearzen en sa krigen wij op dy manier yn hannen. Ik ha faak mei de fingers ieltsjes út it slyk lutsen. De plakken dêr't ien siet koe men troch it lucht-

gat boppe har fine. As men se stevich beetpakte, wienen se der maklik út te lûken. Mem hie der faak net folle mei op, as ik de jûns mei myn bút thúskaam. Jo koe men se eins net fuortsmite, mar oan de oare kant wie it tameitsjen in ekstra drokte, dêr't se net om ferlegen siet. Oare jacht as dy op fisken haw ik net kennen, of it moat dy op fûgels wêze, dy't we winters wol neisieten: in souwe waard dan skean op syn kant set; oan it stokje dat him omheech hold waard in stik tou bûn en dat waard yn 'e hûs laat. As dan de mosken, blaumûtskes, en readboarstkes op it dêrûnder struide foer ôfkamen, loeken we de stok fuort en de souwe foel oer de finzenen. Mar we dienen har gjin kwea, as dat se heechstens in dei meinommen waarden nei de wenkeamer; dan soarge mem al dat se befrijd waarden.

[mei tank oan Philippus Breuker foar inkelde behelpsume opmerkings]

'Koarnwert en omkriten': it twadde reiske fan it Obe Postma Selskip

Jan Gulmans

It Obe Postma Selskip sjocht it as ien fan syn opjeften alle jierren in reiske foar syn leden en oare belangstellenden te organisearjen. Sadwaande waard op 24 maaie 2008 in twadde ekskurzje hâlden. Dizze kear gie it Selskip nei Koarnwert en omkriten. Philippus Breuker hie wer de lieding; hy wie it ek, dy't yn Wjerklank (nr. 3, side 8-12) in taljochtsjend artikel skreau ûnder de titel: 'Wol yn dream oan dy oarden tinke, paadwizer by it reiske nei Koarnwert en omkriten'. In lytse fjirtich minsken kamen der op ta setten. Ek troch it prachtige waar is it in dei wurden om net te ferjitten.

Moarns om 10.00 oere setten wy ôf yn de rjochting Harns. Lykas it gefal wie by it reiske nei Grins en omkriten yn 2007, lies Aly van der Mark ek dizze kear wer in ferskaat fan gedichten foar. Op wei nei Harns wiene dat 'Yn maart' (SF 216) en 'Fertrouwen' (SF 394). Yn Harns rieden wy lâns de fiskershaven, oer de Tsjerk Hiddesslûs en kamen doe fia de âlde ringmuorre de stêd yn. Breuker liet ús de Noarderhaven sjen en hy wiisde ús op de reade liuwen en it Noardiis. Piter van Tuinen, ponghâlder fan de Obe Postma Stichting, droech by troch – op it stuit dat we op 'e Bolwurkstún oankaam wiene – tal fan histoaryske bysûnderheden oangeande Harns te fertellen. Yn it Hearnloazjemint waard kofje dronken. Uteraard waard it gedicht 'Te Harns' (SF 218) foardroegen; elkenien kin de rigels út dat fers:

*Ik haw de Noarderhaven sjoen en it
Noardiis; hoe rom wie it - en hoe âld!*

*De platanen fan 'e Foarstrjitte wienen
wat beknobbe, mar goed liken gelok-
kich de nije.*

Fanút de bus seagen wy it loazjemint fan Beitschat oer it wetter. Keatsleafhawwers makken efkes in bûging op it momint, dat wy by it stânbyld fan Hotse Schuil lâns kamen. Al gau ried de bus rjochting Surch. It fers 'Doarp' waard foardroegen en ek, op 'e Wûnserwei, it fers 'De Skraarder toer'. Letter, yn Wûns, wie dat it gedicht 'Dichters' (SF 257). Klokslach tolve oere hold de bus efkes ho by De Wearen. Aly van der Mark lies it fers 'Arbeidershûs' (SF 268) mei de intrigearjende (want sterk ob-jektivearjende) rigels

Kin it wêze dat it keamerfinster seit:

Ik sjoch de greide; ik bin de greide.

Yn Allingawier, yn it restaurant fan Aldfaars Erf, ieten wy ús brochje. Op wei dêrhinne hiene we it gedicht mei dy namme al heard ('Op wei nei Allingawier', SF 61). Breuker frege ek oandacht foar 'Op it tsjerkhôf' (SF 123) mei de prachtige strofe

It is sa libben as ik dy't dream

Ja, âlde boer, wis yn gelove-striid,

*Wat stoar giet net ferlern! It wêzen
bliuwt*

En libbet bûten tiid.

Lâns Skuzum kamen wy en it fers 'Ik tink oan dy wei' (SF 30) koe net op in tapasliker oard foardroegen wurde. Fia Piaam kamen we tsjin teetiid te Makkum oan. Koart dêrfoar moasten we ús te binnen bringe it fers 'Grut hôf' (SF 229), dat slacht op in pleats even bûten Makkum. De namme stiet yn it dak. Yn Eeltsje Halbertsma syn gedicht 'Oan Beslinga-state' is it hôf de treaster, by Obe Postma hat it hôf gjin treaster mear (sjoch Philippus Breuker, Eeltsje Halbertsma, Skriuwers yn byld, no. 7 (2008), side 49). Yn Makkum koenen we troch bemiddeling fan Sytze ten Hoeve ien fan 'e panden fan Kingma sjen; fan him krigen we tal fan ynlochtings oer de skiednis fan dit doarp. We gyngen ek de seedyk op om oer it wetter te sjen. It lei foar de hân dat op dat momint it dicht 'De see' (SF 164) foardroegen waard en dat barde dan ek. Noch lang hiene we de strofe 'O hoe't him it wide lûkt! Hoe't ljocht de libbene spiegel blinkt, Hoe't wier en wetter rûkt!' yn it ûnthâld! By Sotterum hearden we – by de reed fan 'e Lytse Pleats – it bekinde 'De apelbeam' (SF 26).

It wie al fjouwer oere doe't we yn 'e buorren fan Koarnwert oankamen. In ferskaat oan fersen waard foardroegen troch Aly van der Mark en Philippus Breuker pleatste dy fersen yn in passend, want deskundich, ramt. 'De arbeidershuzen' (SF 119), 'As ik opdroegen wurd' (SF 232), 'Hja dy't net bedijden' (SF 159) wiene mar inkele fan de fersen dy't op it aljemint kamen. Ek fanwegen de tiid waard

der fan ôfsjoen yn Wommels en Boalsert oan te gean. Op 'e weromreis waarden Aly van der Mark en Philippus Breuker troch foarsitter Siebren van der Zwaag yn passende wurden betanke foar al it wurk, dat sy ferset hiene om dizze dei slagje te litten. Lykas tidens it reiske 2007 hie Willem Abma in koartswilich fers makke, wêrmei't hy by einsluten alle dielnimmers och sa fermakke:

*Lobet den Obe, alle Heiden
en priizgje him alle Friezen
want syn fersen en wierheid
hearskje oer ús oant yn ivichheid*

*

*wa't wie wa't is wa't wêze sil
deselde mar ek wer net*

*

*" Soene wy stjerre?
Yn't húske libje tûzen bleek-grize huzen,
Ofbrutsen en fergetten
Mar de trie rûst har namme.
Yn it finstik libje tûzen ôfearte lânen,
En de hynders dy't it bebieten,
En de hannen dy't it bedolden,
Sa sil ús lân en ús hûs bestean!"*

*

*Lobet den Obe, alle Heiden
en priizgje him alle Friezen
want syn fersen en wierheid
hearskje oer ús oant yn ivichheid*

Weromsjend kinne we sizze, dat de dielnimmers oan dit reiske in protte genoegen belibbe hawwe; dat har ynsjoch yn in ferskaat fan gedichten tanommen is en, net it minst wichtige, dat der in soad útwikseling fan ynformaasje en ideeën op sa'n dei pleats fynt. Ek dat wie en is ien fan de eachmerken fan it Obe Postma Selskip.

Pleats der't Postma berne waard



Mar myn ferlangst is mear...

Fokke Plat

Ferline jier yn 'e hjerst hat der in stúdzjedei west fan it Selskip yn Tre-soar. It doel wie om Postma ris op portret te setten mei in stikmannich Hollânske dichters, fan inselde generaasje as Postma en, lyk as hy, dichters mei in filosofyske ynslach. Dat binne dan neist Postma: Albert Verwey, Henriëtte Roland Holst, P. C. Boutens, J. H. Leopold, en J. A. Dèr Mouw.

Fiiif sprekkers en ien sprekster hawwe op dy dei yn referaten besocht de leden fan it Selskip yn te wijen yn de problematiken, dêr't de seis dichters mei ompakt ha. En ek besocht oan te tsjuten wat dêrfan werom te finen is yn harren dichtsjen. Dy seis referaten (yn it Hollânsk) binne gearbrocht yn in boekje mei de titel *De dichters en de filosofen – wijsgerige aspecten van de poëzie in Nederland rond 1900*. De beide redakteuren Philippus Breuker en Jan Gulmans hawwe dêrby in ynlieding skreaun. Blykber sille der mear fan sokke publikaasjes ferskine: it boekje is nr. 1 fan de Obe Postma-rige; útjouwer Friese Pers Boekeryj bv, Leeuwarden.

De skriuwer fan dit stikje hat der op dy dei net by west. Mar de seis referaten en de ynlieding hat er lêzen. En dêrby gauris tocht: "Dat moat in drege dei west ha, de holle hie my trochrûn."

By seis dichters – kopstikken noch wol – buorkje op ien dei, en amper efkes lins tusken de bedriuwen. En dan ek noch – net oan te ûntkommen – al dy filosofen dy't op it aljemint komme, en somtiden it filosofysk jargon.

Mar no lizze dy seis referaten mei ynlieding (en ek: mei bibliografy) op myn boeketafel. En dan wol ik it direkt sein ha, dat it in prachtich boekje is, ryk oan ynhâld. De sprekkers/

skriuwers tekenje har dichters út op sok in wize, dat de langsume lêzer ûnder de yndruk komt. Hoedatsa: langsume lêzer? Om't it stevige kost is, dy't men net hastich behimmeljje kin.

Under de yndruk fan de sprekkers/skriuwers? Ja dat ek, want se witte wêr't se it oer hawwe.

Mar de langsume lêzer komt foaral ûnder de yndruk fan de besprutsen dichters sels.

No moat ik wol bekenne dat guon fan dizze dichters foar my frijwol ûnbekenden binne. Dèr Mouw bygelyks – foar my allinne in namme; wol is it my bekend dat hy himsels "Adwaita" neamde (Sanskryt – it betsjut "hij, die de tweehed te boven is" (hoe seit men soks yn it Frysk?). Boutens – fan him kin ik



feitlik mar ien gedicht goed: "Sappho", in magistrale evokaasje fan de âld-Grykske dichteres; en ik wist fan it tryste ferhaal dat beskûl giet efter syn "teltsje" (it wurd is fan Postma) by de útjefte fan Strofen uit de nalatenschap van Andries de Hoghe (side 78/79 yn it boekje). Leopold – ik bin altyd om dizze eteryske dichter

hinne rûn; wol wit ik dat hy in bulte hold fan de sonates fan Scarlatti en fan de lytse pianostikken fan Schubert (hy spile se ek op de piano), en dat it patos fan Beethoven him

frjemd wie (sjoch it sitaat op side 97 – it tekent de man). Henriëtte Roland Holst – fan har wit ik net folle mear as dat hja Das Kapital fan Marx lêzen hat en in tiidlang aktyf wie yn de sosjalis-tyske beweging, en ek dat hja jûns foar har muoikesizzer Adriaan op de piano spile út de "Kleine Preludiën und Fuguetten" fan Bach. Eigenaardich: as skriuwers ek "wat mei muzyk hawwe" komme se foar my wat mear ta libben. Neffens my siet der ek muzyk yn Postma. Ea ris heard dat Postma gauris ienfâldige wyskes nûndere, en dat syn suster dan wist: dêr komt in gedicht fan! (It docht my tinken oan in nijsgjir-rige útlitting fan Schiller: "Eine gewisse musikalische Gemütsstimmung geht vorher, und auf diese folgt bei mir erst die poetische Idee"). Dan noch Albert Verwey – hy wie in skoansoan fan Johannes van Vloten; en oer dy Van Vloten soe ik mear fertelle kinne as oer Verwey.

Mar no: hoe kin ik dan by it lêzen fan dit boekje ûnder de yndruk reitsje fan skriuwers, dy't ik amper kin? Lit ik it sa sizze: ik bin ûnder de yndruk fan de driuwkrêft fan harren ferlangst om harsels opnomd te witten yn in grutter ferbân – om mei Marsman te spreken: in "beziel verband". Dat grutte ferbân wurdt troch elk fan de besprutsen dichters wer oars ynkleure: kosmysk, so-sjaal, mystyk, metafysyk – nee, nea eksplisyt godstsjinstich, mar wol altyd mei in religieuze "flavour". Mar op hokker wize hja dat ferbân ek ynkleurje – it binne allegearre, sa't de beide ynlieders mei rjocht stelle: "foarmen fan transcendentie". Dat wol sizze: projekten om út de skulp fan it inkelde bestean te kommen yn de wittenskip "dat de minske de (inkelde) minske ûneinich te boppe giet" (sa is it ea troch Pascal ûnferjitlik formulearre). Yn it gedicht "Hjerst" (1909) fan Postma wurdt it sa sein: "Mar myn ferlangst is mear: ik moat de sielen sjen,/ de rin fan 't libben en fan minsken al 't bizean". Verwey soe him (Postma) dizze wurden letterlik neisizze kinne (sjoch de brief van Verwey op side 89). Ek foar de oare dichters jildt: harren ferlangst is mear ... hoewol't hja grif nei oare wurden sykje sille om dat te ferdúdlikjen. Wat no sa opfalt yn dizze dichters is, dat harren ferlangst nei transcendentie sa – ik soe gjin better wurd witte – yn-fieren is, en dy driuwkrêft sa sterk. Yn dit selskip liket Leopold my de meast dimmene en kwetsbere figuer, yn syn opflechten it meast koartwjojke.

Wat ek och sa treft yn dizze dichters is, dat se der sa op út binne om harsels fertroud te meitsjen mei in min of te mear yntegrale wrâld- en libbensskô-ging. Dy filosofyske skôging kin dan yn letterlike sin in "kom-ponint" wurde fan harren dichtsjen, eat dat mei stal jout oan de ynhâld fan de gedichten – me-astentiids implisyt (sjoch oer de ferhâl-ding filosofy / poëzy yn it wurk fan dizze dichters foaral it referaat fan Dick van Halsema oer Leopold, side 92 e.f.; en oer dizze ferhâlding yn it wurk fan Postma yn it bysûnder it referaat fan Philippus Breuker, side 106, en side 123 e.f. – oer it konsept fan in "transcendent bewustzijn").

No noch wat oer dy yntegrale wrâld- en libbensskôging, dêr't dizze dichters suver net sûnder kinne. Se hawwe, om it sa mar ris te sizzen, hiel sterk in aan fan it bestean fan in absolute wurklikheid efter of yn de libbensferskynsels – in absolute wurklikheid, dêr't de minske

tagong ta hat. It binne dan ek de filosofen, dy't yn de hege opflechten fan harren tinken om dy absolúte wurklikeheid hinne krieme, dy't by dizze dichters om 'e doar kypje: Plato, Spinoza. Sokke filosofen, of better: filosofen fan dit slach binne der hjoeddeis net folle mear.

Ik tink wolris: dizze dichters hawwe alle gearre sa om it fyftichste libbensjier de earste wrâldkriich meimakke. Ja, ûs lân is der bûten bleaun. Mar se hawwe wis en wrachtich weet

hân fan wat der tichteby yn Noard-Frankryk en België barde. Hat sok witten net in krater slein

yn it moed en yn it tinken fan dizze dichters? It is sa mar in frage. Mar it moat wol sein wurde dat nei dy katastrofe foar mannich dichter en foar mannich filosoof yn Europa de himel leech wurden is. En: in yntegrale wrâld- en libbensskôging – wa fan ús taalt dêr noch nei? Mar it ûntsach foar de yn dit boekje besprutsen dichters, dy't der wol nei taalden – letterlik: "taalden" – bliuwt. Mar wol: minsken fan in foarbije wrâld.

Verschenen

Deel 4 van de reeks Makkumer Sier:

“Makkum en Cornwerd, een protestantse gemeente en haar gebouwen 1580-2006”

In dit boek wordt de geschiedenis van de kerkelijke gemeente Makkum-Cornwerd vanaf de reformatie beschreven. Vooral wordt aandacht besteed aan de bouwgeschiedenis van de torens en kerken in het licht van de maatschappelijke en kerkelijke ontwikkelingen in beide dorpen.

De auteur van dit boek is Herman van den Ende, emeritus-hoogleraar aan de Universiteit van Amsterdam. Het boek wordt uitgegeven door de protestantse gemeente van Makkum e.o. en is verkrijgbaar bij Boekhandel Coufreur, Kerkstraat 17, 8754 CO Makkum, kbhmakkum@planet.nl, tel. 0515 231492. De prijs is € 19,75. ISBN: 978-90-813389-1-2.



Ledegearkomste Obe Postma Selskip

**De ledengearkomste fan it Obe Postma Selskip wurdt hâlden
op 29 jannewaris 2009 te Koarnwert.**

Dr. Merijn Knibbe (sjoch Wjerklank nr.3) sil, nei it húshâldlik diel,
in lêzing hâlde oer Obe Postma's lânbouhistoarysk wurk.

Stúdzjedei 'Emily Dickinson'

Stúdzjedei 'Emily Dickinson', te
hâlden op freed **21 novimber**

2008 yn Tresoar te Ljouwert

It Obe Postma Selskip
organisearret alle jierren in
stúdzjedei op in tema, dat mei
it oeuvre fan de Fryske dichter
en wittenskipsman Obe Postma
(1868-1963) te krijen hat. Dit
jier is it tema fan de stúdzjedei
'Emily Dickinson'. De kar is op
dy dichteresse fallen fanwege
it feit, dat Obe Postma tusken
1940 en 1954 in oantal fersen
fan Dickinson oerset hat.

Obe Postma Selskip



Programma

- 10.30** Ynrin mei kofje
- 11.00** Marian de Vooght: 'De ontvangst van Emily Dickinson in Nederland en Vlaanderen: een inleiding over de vestiging van haar roem'
- 11.30** Earste poëtysk yntermezzo
- 11.40** Odile Heynders: 'Thuis is waar u bent, Een lectuur van Dickinson en Hadewijch'
- 12.20** Diskusje
- 12.40** Brochje
- 13.40** Peter Verstegen: 'De mannen van Emily Dickinson'
- 14.10** Twadde poëtysk yntermezzo
- 14.25** Harry Bekkering: 'Vestdijks poëticaie visie op de poëzie van Emily Dickinson'
- 15.00** Skoft
- 15.30** Albertina Soepboer: 'Dêrfoar moat ik nei de bijen fan Emily Dickinson ta. Over Obe Postma en Emily Dickinson'.
- 16.15** Diskusje, oanslutend hapke en drankje
- 17.00** Sluting

Dielnimmers oan dizze dei binne 35 Euro ferskuldige, foarsafier't se lid binne fan it Obe Postma Selskip. Lunch en boek binne dêrby ynsletten. Net-leden betelje 40 Euro. Dit bedrach moat oermakke wurde op ABN-AMRO nr. 43 74 43 620 t.n.f. Obe Postma Selskip te Ljouwert.

Opjefte by de skriuwer fan it Obe Postma Selskip, Jan Gulmans, Wagnerlaan 7, 7522 KH, Enschede (e-mail: jan@gulmans.com).